

# „Ut 'e Patriotte-tiid”

fen

A. M. WYBENGA



# „Ut 'e Patriotte-tiid”

fen

A. M. WYBENGA



## UT 'E PATRIOTTETIID

fen A. M. WYBENGA.

„Mannen, nou moat it wêze. Lit it dy Oranje-kraeijers mar ris sjen, det hja mei keardels to dwaen hawwe. Det fen 1787 is my noch net forgotten. Do hat dy Prusyske Wilhelmina it woun. Ja, mar ho? Wy Patriotten, de bêste Faderlanners moasten it bilje. Wy waerden yn 'e doas treaun. Ef wy moasten it heitelân út. Lokkich det er noch in Frankryk wier! Dêr hellen hja ús mei iepen earmen yn. Och hwet in lokkich lân is det dêr. Dêr hawwe hja de tyrannen fen kant brocht. Dêr is 't nou vrijheit, gelykheit en broerskip for elkenien. Det jildt for de alderearmste sa goed as for de ljue fen hege komôf. Dêr wenje de ljue fen 'e forljochting. Dêr hat de minsklike rede it to sizzen. En hja wolle alle folken lokkich meitsje, dy't nei hjarren harkje wolle. Minsken dy kant moat it mei ús ek út! Libje de vrijheit, gelykheit en broerskip!"

Keapman Rinse Jetses dy't tige bireizge wier, die it wird. In hiele smite minsken, dy't to Dokkum op 'e Syl gearroppe wier, biandere de fûle rede mei in lud hosé! Bynammen de ljue út 'e Strobosser steige en it Efterom jubelen forheftich oer 'e treftige sprekker.

Dit smakke. Jawis, vrijheit om ek ris in sint yn 'e pong to smiten, gelykheit om yen gelyk to stellen aan de ljue sen 'e Froedskip en hjar by need de les ris to lêzen en 'roerskip mei allegearre, it like hjarren in glûpend moai ideael ta. It wier nou Febrewaris en hja wierne skrousk en hûngerich: de lange, kâlde winter hiene hja net tofolle to iten en to biten hawn. En de Hearen rounen mar lekker yn hjar greate jassen, dy wisten fen kjeldlijen noch lotriët; prachtich scoe 't wêze as alles gelyk fordiel wäerd. Hja woene dêrom graech de nije idéen yn praktyk omsette. Mar, harkje, Rinse is noch net útpreeft.

„Minsken, nou binne wy baes! Ik kin ek wol sizze: sa inachtich as jimme dêr steane, binne jim baes. Jim haw 't nou oer jim sels to sizzen. De slavekeatlings binne tolkritsen. En dêr hoege jimme nou ek nea wer mei om to rinnen. Jimme kinne nou mar sjen litte hwa't jimme binne en hwet jimme kinne."

Lûd daveret wer it hosé det de Syl der fen droant. Moeidich giet ús Patriot fierder: „En nou scille wy moi Oranje ófrekenje. Hwet hat dy Prins for ús mear to bitsjutten? Ommers neat en nochris neat. Dy tyran, dy Nearo! Hy woe ús ûnder de kwint hâlde, hy en syn klyk. Mar wy, frije minsken hawwe ús nocht en mear as ús nocht. Dien is 't mei Oranje! Libje de Dokkumer broerskip!”

It daveret op 'en nij. Dy keapman is de man wol. Dy kin it wird fierer det men om syn gelikens sykje moat. Gjin wûnder, hy hat ek al safolle fen 'e wrâld sjoen. En rounom de earen goed iepen hawn. Prachtich, sa't er syn gave úntwikkele hat.

„Libje Rinse Jetses!” klinkt it en in inkeld foarútstribjende natuer tinkt al by himsels: „Dy man moat hjir yn 'e stêd fen Dokkum oan it roer, den scil hjir de stâl nochris skjin makke wirde.”

Elk for oare bitinkt al dieden om oan de stemming fen it gemoed utering to dwaen. Hwent mei wîrden allinne is it net goed. De hinnen jokje. Der moat hwet úthelle wirde. Fensels hawwe se de Prins hjir wol net, mar al hwet det der op bigjint to lykjen. De Prinseflagge! Ommers it symboal fen dy haetlike tyran. Hwer is dy ek hast? O ja, op it stêdshûs. Lit dy hjir marris komme.

Bierdrager Jan komt nei foaren. Hy scil it dwaen. Samar hat er de doar iepenbritsen.

„Mar hwet scil dit?” De biwaker wol him tsjinkeare.

„Gean wei, Oranjeklant dyste biste, ef ik scil dy moares leare!”

It folk kringt op. Hjir is gjin biwaker tsjin bistant en hy giet in stapmannich tobek.

Der is gjin hâlden oan. De Oranjeflagge wirdt út 'e kast helle. Dêr is it pertret fen de Prins op útskildere. Scoe men der net mâl fen wirde, sa'n tyrannekop en det yn sa'n vrijheitjeavend Dokkum!

Jan komt mei syn bût nei bûten.

„Wolle jim him nochris sjen? It is hjoed for 't lêst!” ropt er, wylst er de flagge wiid útrôllet.

Alderhanne hún en spot wirdt der útgoaid en op 't lêst ropt lange Jetse: „Wei mei det ding! Wy hawwe him fakernôch sjoen. It slyk is noch to goed for Oranje!”

„Ja troch it slyk mei him! Del dy flagge! Litte wy der op omwâdzje, lyk as hy yn it foarige op ús omwâdde hat”, sa'roppe en balte se troch elkoar.

Dêr wier 't Jan just om to dwaen. „Bêst mannen! it

scil him net oan my sitte. Wacht, wy scille der in optocht fen hâlde!” Jan lit de flagge op 'e groun sliere, wylst er dêr mei foart rint. „Moai sa, nou leit ús Prinske op 'e groun. Nou kin syn ljeaf wyske him noait wer opmonterje!”

It giet keapman Rinse krekt nei 't sin. Just, sa hie hy it nou bidoeld. Sels scoe hy soks wol net dwaen, mar om it fjûr oan to setten, det in oar der troch oanstitsen waerd, dêr wier er nou persys de man for.

Sa mâtjirget de kliber de Dokkumer stritten lâns. De flagge is fensels al gau ien stik slyk en smoargens. Noi wâddet de iene, den de oare der op. „Moai op syn Oranjekop!” De flôdzen hingje by de stôk del.

It is net allinne de mindere man dy't him hjir sa oanstelt, der binne ek oaren by. Deftige Dokkumers dogge likefolle oan dit akkefysje mei. It liket wol, it binne nou allegearre stritjonges warden. Fenwegens de vrijheit en syn beide broerren.

Gûnt dogge mei om der for hjarsels in slaetsje út to slaen. It tij forrint, de beakens moatte forset wirde. Det is in wiis wird, en mei yens heechoansleine Rede kin men det wird hjoed de dei yn tapassing bringe.

Mar der binne ek gûn dy't it miene. Hja sjugge de goudene ieu al oanbrekken. It âlde hat ôfdien, it wirdt allegearre nij. De jubel oer de nije tiid set hjar nei de holle. Bynammen mei Wate Scheltinga giet det sa. Hy is in soan fen in foarnome Dokkumer froedsman, hwaens foarteam jimmer in machtige stim hawn hat yn 'e saken fen Steat en Tsjerke.

Mar det wier do, tinct Wate. Hy hat om 'e nocht gjin Voltaire en Rousseau lêzen. Dêr wirdt men wiis fen. Dy leare yen de Rjuchten fen de Minske kennen. Wate syn heit kriget dien, det fielt er, en hy, Wate, scil mei helpe oan de opbou fen 'e Maetskippij, dêr't gerjuchthichtheit yn wennet. Prachtich dy takomst. Hearlik dy nije tiid.

Sa riddenearret er yn himsels, wylst er meidocht oan de flaggefortraperij. En mei syn nije wittenskip wapene, bistriidt er it âlde diel fen himsels, det noch net vrij is fen oerirven fielings en sympathyen. Jonge det blauwe bloed! Hy sjuchtet tsjin himsels, wylst er meidocht yn 'e troep. Nuver det in minske sa fêstroaste sitte kin yn in bân fen tradysjes en foarâlderlike ynstellings, towylst in nije tiid yen biljochtet.

Dêr falt him it each op Dirk, syn heite hûsfeint, de

baentsje-opknapper, lyk as Wate wend is him to bititeljen Sjuch mei sok folk moat hy foartoan yn 't span — kin det eigentlik wol bisteant?

Ynienen wirdt hy de hiele saek ba, wynt him út de kliber en giet stil op hûs yn. Men scoe sêd fen yensels wirde, tinkt er. Aenstouns wer strideraesjes mei heit, dy't neat en nochris neat fen 'e nije idéen hawwe moat. En hysels? Hwer is syn wissichheit dêr 't er him yn 'e lêste tiden sa op foarsteant liet?

Wier it mei Wate net plûs, likemin mei de hûsfeint, al hie Wate dêr yn 't minste gjin tinken oan.

Och mei al syn nijichheden, hied er dy dochs nea yn 't dagelikse yn tapassing brocht en wist er der ek neat fen ho't Dirk der únder stie.

Sa bliuwe Dirk en syn freon Feike op in distânsje stean. towylst de kliber wakker opspat fen greate dingen. Feike docht it wird, Dirk knikt en seit ja ef né, al nei 't it útkomt.

Och Dirk hat oer in hiele bulte dingen to prakke-searjen. Hy bigrypt fen it hiele saekje langer neat mear.

Dêr ha jy earst frjeon Feike sels al. Dy seit it mar wakker op, mar hokker kant wol dy eigentlik út? Hy scil it net sizze. Hy koe wier-wier wol in Prinseman wêze. Mar hy brûkt altiten in sé fen werden, en sokke ljue hjar ynderlik wirdt men net sa maklik gewaer. Hwent hja bidobje hjar gedachtens ûnder hjar ute-ringen. Op 't lêst seit er súntsjes tsjin Feike: „bist it nou eigentlik mei my iens ef net.”

„Bêste jonge”, seit Feike, witst' wol det Dokkum sokke moaije bolwirken hat?”

„Wündere skoan,” anderet Dirk, dy 't him bigriep. Hja út it folk wei.

Op it Dokkumer bolwirk kin it tige moai en stil wêze. Is men dêr op in gaedlik plak mei hwet útsicht, den kin men der wündre skoan in fortrouwlik praetsje hâlde.

Sa gyng it dy joune ús beide frjeonen. „Biste mâl,” sei Feike det ik it mei det soadtsje hâlde scoe det nou op 'e Syl de boppetoan fier! Mar ja, jo moatte wol in bytsje meidwaen, den wit men meiïens hwet der to rôdden is. Ik wol 't wol wêze det ik earst ek net fucht wiste ho 't ik oer de Patriotterij tinke moast mar it wirdt my nou hwet langer hwet dûdlicher. Ditte fen hjoed hat de doar tichtdien.”

„Nou,” sei Dirk, „ik ha der ek mear as myn bikommen fen. As it sa moat!”

„Wist wel hwet my sa nuver taliket?”

„Nou?”

„Det Wate Scheltinga sa dapper meidocht.”

„Né, dêr kin ek net by. Hy kommendearret my likefolle as syn heit it docht en dochs lit er him by tiden út det er it mei de vrijheidsidéen hâldt.”

„Mooglik hat it syn goede side. Ik foeterje net op 'e hege Hearen, yn 't minste net, mar as hja hwet tichter by in in earm man komme to stean, liket my det noch net sa min ta.”

„Ik wit net,” sei Dirk skodholjend. „Wate in Patriot. Scheltinga in Kees! Kinst it dy yntinke?”

„Nou in echtenien, det scil der wol oan ha, mar dou moatst sa rekkenje, dêr kin for dy noait gjin kwea fen komme.”

„De wrâld komt op syn kop to stean. As jonges hawwe wy faek meinoar boarte. En den wier Wate my altiten de baes. Det wier ek goed, hwent hy wier 't ek: hwerom scoe 't net goed wêze?”

„Moat de iene minske den sa'n stik boppe de oare stean, tochtstou?” Efkes wol Feike Dirk narje.

„Jawis, hwerom net!” sei Dirk yn fjûr. „Heit wier altiten túnmansfeint by âlde Scheltinga en hy hie 't dêr goed. Omke dy 't nou dit beantsje opknapt, wirdt âlder, meikoarten as dy dien nimme moat, krij ik it postje oer, en lit my earlik wêze, ik stean ljeaver ûnder in rjucht-aristokratyske Scheltinga, as ûnder in neimakke Patriot, hwent leau my: in echte Patriot wirdt Wate Scheltinga noait.”

„Dus, dou hâldst dy ek mar stil by de Prins, krekt en allyk as ik?”

„Ja,” sei Dirk en glimke, „wy scille ús wol stil by de Prins hâlde moatte, der lûd fen opjaen, kin foarearst net lije, bin 'k bang.”

„En ho scil 't den mei Sjouk?”

Ja, det wier in raer gefal. Hy hâldde fen det fanke, tige. Hy scoe hjar graech nochris folsein sines neame wolle. Hja moast de vrouerde fen in earber túnman en koetsfeint by mynhear Scheltinga. Mar hwet wier 't?

Sjouk is de dochter fen Rinse Jetses, in foarman by de Patriotten. En det er yn 'e lêste tiden ek al hwet Patriot-tich waerd, it siet him yn Sjouk hjar ynfloed. Dy roun ek al wakkere heech mei de nijichheden. Det siet him yn hjar heit, hied er wol bigrepen. Och hwet scoe sa'n fanke fen polletyk witte! Mar dy hie hjar fen alles wys meitsje

litten. Grif, hja spegele hjar sels nou al in gouden takomst foar. En nou wier der yn 'e lêste dagen hwet twisken hjarren kommen, hy wist sels net hwette. Hy koe gjin hichte mear fen syn faem krije. Hy krigt hjar soms yn gjin dagen to spreken towylst hja yn 't s'orlige sa faek it Bolwirk omkuijere wierne. En as er nou ek noch Patriot ôfwaerd, den waerd it hielendal muizen.

Feike loerde ris skean nei syn frjeon en sei gutich: „Nou wolst' it net wêze? It is noch net út mei dy en hjar, wol?”

„Ne, mar ik haw soarch, it kin noch wolris útreitsje. De wrâld wirdt nou sa'n tiezeboel.”

„Det hat al lang sa west, myn jonge. Mar siz, hwet seiste?”

„Ik siz neat,” sei Dirk.

„Nou né, mar ho scil 't?”

„It scil sa: ik gean nei hûs. Ik wol hjar ris oer nei-prakkesearje. It is my allegearre to machtich.”

Do gyngen hja by it Bolwirk del. De stêd wier wer yn 'e rêt kommen. Alle fjûroansetters wierne ôfswaeid: it heltestik wier folbrocht. Den kin men yen nei fredich sliepen jaen.

It wier dûnker. Heech boppe it Stêdshûs twinklele in inkelde stjir.

## II.

By keapman Rinse Jetses, dy't op 'e Oranjewâl wennen, soppet it neat to rom. Gjin wunder, hy hat alderhanne halen om 'e klink, in bulte prate en net folle út it strie sette. Riddenearje oer de tastân fen it lân, op 'e Syl stean to swetsen en de keapmanderij forsleaukje, sa wier Rinse syn bisteant. Mar dêrfor wier 't op 't lêst ek in Patriot. Dy ljue hiene nou ienmul gâns yn 'e mûle en net folle yn 'e mage.

Det er op it Oranjewaltsje wennet is him mar min nei 't sin. Det komt for sa'n fjûrfretter fen in Patriot biljeaven net to pas. Hy kin for dit stuut net oars, mar as hy strak marris efter 'e griene tafel sit, scil ien fen syn earste útstellen wêze om dy strjitte fen namme om to dopen. Patriottebuert, ef sokssahwet moat it wirde.

Syn wiif siet him wol gauris efter de boksen „jonge, wy moatte hwet hawwe to bikken, fen dy praetsjemakkerij kinne wy net libje,” wier hjar wird den.

Mar hy, noartich, dêr tsjiny: „Och, hwet seurstou!

Noch efkes, en ús goudene tiid brekt oan. De hearen komme fen 't kësken en wy der op.”

„Dus jim hiele Patriotterij is oars nearne om to dwaen, den om sels oan in baentsje?” sei hja skerp.

„As wy oan 't roer komme, scille wy rjuchtfeardiger regearje, as de hege Hearen dy't it oant dizz' tiid ta dogge.”

„Jimme scille hwet!”

„Och, hwet forstân scoestou fen polletyk hawwe! Krekt neat.”

„Nou”, sei it wiif, „mooglik net it measte, mar ik wit wol ho't ús heit-en-dy dêr oer tochten. Yn '48 hawwe der ek fen dy opstjitsjes west, it gyng allegearre like mäl en by eintsjebislút hawwe hja der neat mei uthelle. De saken waerden op 'e âlde foet foart set.”

„Ja det is 't him just: do waerden de saken op 'e âlde foet foartset, en det moast net west hawwe. Der moast in mij Regear kommen wêze. Mar hwet do net biteard is, det scil nou wêze: wy binne wer fierder mei de tiid, en de greate dieden fen 'e Frânsen binne ús nou ta ljochtsjende foarbielden”.

It wiif swei. Der wier dochs gjin salve oan to striken, en as Rinse oer dy Frânsen bigoun, den wier er alhie-lendal op ien ein. Moaije foarbielden oars, sokken dêr 't it ien stik moart en striid by wier. Hjar eigen Kening en Keninginne hiene hja op it skavot sleept, né, fen sokke moardners moast it minske neat hawwe. Det fen dy nije wrâld, dy't komme scoe, dêr leaude hja nou ienmul net oan. Hja hie hjar heit ek wolris oer soksoarte fen saken heard. Mar dy joech der altiten in hiel oare útlech fen. Der binne hegeren en legeren, sa hat it altyd west en sa scil it ek wol bliuwe, hwent de minsken binne net gelyk en kinne dat ek net wêze. Mochten de legeren alris oan 't Regear komme, den wier det ta allemans fortriet. En nou dy flaggewâdderij wer: hwa fetsoenlyk minske docht dêr oan mei? It liket wol eft it it hiele Dokkum yn 'e plasse slein is.

Rinke sette der op út, om in hanneltsje, nei't de hjiiting wier, mar yn werklikheit om to sjen eft der mei de polletyk ek hwet to fortsjinjen foel. Sjuch, det fen jister hie wol tige moai west, mar hjar moast it net by bliuwe: de stien wier nou ienkear oan it rôljen, dy moast fierder de berch del.

Dêr kaem Sjouk út it kokentsje wei opdaegjen, sjonge it heechste liet. Ek al in Patriotteferske.

„Wel fanke“, seit mem, „hwet hastou in fleurich sin.“

„Det mei ek wol. Wy krije feest.“

„Feest? Wy? Dêr haw ik net earder fen heard.“

„Né, det scil 't wol, mem, mar dêrom is 't wol sa!“

„Nou, en hwer den fen?“

„Det wit ik sa krekt net, en det kin my ek neat skele, mar feest wirdt it en dêr komt it op oan.“

„Nou, ik wit der neat fen. En ik haw der jim heit ek net oer heard.“

„Us heit! Né, mar dy wit ek net alles!“

„Dou scilst it den wol witte!“

„Better as heit!“

„Mar dy slacht langer oars al wakker yn 'e Steatsaken om. Thús wirdt it gjin feest, det wit ik wol, it is híj in spiltsje fen Skerpenheuvel, feestfieren kin mei ús ljue net lije, en feesterij yn 'e stêd dêr liket it ek net folle nei. Ef mienstou det dy opstjtif fen jister sa'n moaije feestlike fortoaning wier, det der noch helte greate domheit oerhinne úthelle wirde scil?“

„Och mem, seur dêr nou net oer!“

„Nou it scil my ris nij dwaen hwet der nou wer wer oan 't hantsje is. Mar siz, hwennear komt Dirk híj wer? Ik haw him yn gjin tiden sjoen.“

„Dirk, Dirk, hwet Dirk?“

„Nou moat it net mâlder wirde! Dyn feint ommers!“

„Mem as ik nouris siz, det det myn feint net mear is!“ nou fanke?“

„Hwet wy nou ha? Neat gjin bysünders, mem. Ik ha 't niis útmakke. Sa pas do't ik om boadskip moast kaem ik him yn 'e miette. Hy sei: gean efkes mei it Bo'wirk om. Daliks sei ik: det liket my goed ta en do't wy dêr goed en wol wierne haw ik him sein det it út wêze moast.“

„Nou, en hwet sei er dêr fen?“

„Och, mem moat nou net oeral nei freegje. Hy stamme huet, en do bin ik mar gau by him wei roun it Karrepaed del.“

„It is dochs alderjammerdearlikst! Nou haw ik it noch noait sa heard. En det allegearre om dy Patriotterij. Ja fanke, ik haw it lang wol mirken det Dirk gjin goed Patriot is, likemin as iksels. Mar dêrom hied er wol mei dy trouwe kinnen, tominsten om my wol. Hy is in deugdelike feint.“

„Och mem, al wier er nou de helte deugdeliker, det

kin my neat skele: út is út!“

„Ik bigryp der neat mear fen. Miskeart der dy hwet yn dyn boppekeamer?“

„Né hear mem, neat; mar as ik mem nouris fortel det ik ljeaver mei in oaren gean, mei Wate Scheltinga bygelyks?“

Noch forhearder as niis-krektsa sjucht mem nei híj iennichste dochter, dêr 't hja sa tige fen hâldt, mar dy't yn 'e lêste tiden raer op 'e doeles rekke is. Dêrom seit híj ek: „Dou mei Wate Scheltinga! Mienst' nou wierwier det det partuerje scil? Tochtstou nou werklik det it sa'nien om dy to dwaen wier? Dit scil dy raer opbrekke.“

„Hwer hat mem it oer! Wate is in bêste feint, siz 't ris oars! En hy hat yn elk gefal mear moppen as dy keale Dirk.“

Nou, as it fen 'e sinten komme moat, den haw ik it sjoen.“

„Mar dêr súnder is 't ek net alles, dêr wit mem fêst wol fen mei to praten.“

Mem bidimme híj sels. Det híj súnder sinten sieten wier op himsels gjin skande, mar al de wize, hwerop híj weirekke wierne. Beide wierne híj fen goede komôf, mar Rinse hie de boel troch de ruten smiten, net folle dwaen en wakker prate, mar dêr wierne híj mei op legerwâl oanlanne. Híj sei den ek mar allinne: „Fanke, úngelyk ho!“

It wier Sjouk min nei 't sin det mem tsjin híj yn-gong en híj frege: „Scoe det nou sa slim wêze as ik mei Wate Scheltinga gyng? Der binne wol raerder dingen gebeurd, scoe 'k sizze“.

„Moatst der my net fen prate. Wate past net by ússoarte fen folk. Det is 't him. Soarte by soarte, det heart altiten sa.“

„It kin my op 't lêst ek neat skele hwet mem seit, mar it is út mei Dirk en my en it bliuwt ut. Ik gean ljeaver mei Wate.“

„Ja, dy scil dy wol ha wolle! Moatst dy neat wys-meitsje litte famke, dêr komt dochs neat fen tolânn.“

„Och, mem bigrypt der neat fen, it is ommers nou dochs frijheit en gelykheit en broerskip. En sadwaende kin ik nou ek wol in feint krije dy't hwet mear is as sljucht hinne en wer.“

„Ja for trije dagen en in moarnskoft. Lit dy neat wys-meitsje: as hy syn noct wer fen dy hat sjucht er has-

tich om in oaren. Den wol Dirk dy net mear ha en Wate kinst' net krije."

„Leau 'k neat fen mem, Wate hat my al sa'n bulte forteld.....”

„Dus, dou hast al mei Wate roun, towylst' it noch net útmakke hieste mei Dirk. Fanke, hjir kin noait segen op rête”; mem seit it oandien. Hwent hja leaut noch oan segen op it goede en flok op it kweadwaen, lyk as de Bibel it de minsken foarhâldt. Forskaten fen 'e minsken om hjar hinne diene der net mear oan, mar hja hâldde hjar dêr oan fêst. Ek yn 'e dagen fen hjar tsjinslach. Hwent det it mei hjarren nei de bidelte gyng seach hja as de flok op Rinse syn oerdwealsk meidwaen oan it omsmiten fen it Regear.

„Nou mem, dêr scille wy letter wolris oer prate. Mar nou wirdt it feest, lit ús dêr ljeaver oer tinke. Docht mem ek mei?”

„'t Is for my gjin tiid om to feestjen. Mar nou haw ik noch nea fen dy heard, hwer't det feest eigentlik for tsjinje scil!”

„Wel der komt sprekerij op 'e Syl en der scil, ja ik wit net hwet allegearre en der komt ek dounsjen by en in beam en al sa mear.”

„Leau ik neat fen”.

„'t Is dochs sa mem, Wate hat it my forteld”.

„En jim heit hat dêr net iens oer praet!”

„Heit wit ek alles net.”

„Ja mar fen soksoarte dingen oars altiten it earste en it lêste.”

„Nou ik scil it mem wol krekt sizze: hja wolle heit der net flak foaroan hawwe. Heit swetst hjar tofolle. It giet bûten heit om.”

Mem wirdt der moeilijk ûnder. Ja, sa wier it krekt: heit swetste tofolle en wist net fen de hannen út to stekken. Mar det hja nou dizze wierheit op sa'n manear út hja dochter hjar mûle fornimme moaste, it die hjar sear.

„Scil ik mem sizze,” bigoun Sjouk wer, „mem wit wol, der binne twa partijen fen Patriotten hjir yn ús goede stêd fen Dokkum. De partij dêr 't Wate by oansletten is, det binne mear de Hearen dy 't de vrijheit oan it folk bringe wolle, en de oare dy fen 'e lytsere ljue dy't for hjarsels dy vrijheit opeaskje. Bigrypt mem it?”

„Né, dit giet my boppe de mûtse. Ho witstou det allegearre sa krekt?”

„Hat Wate my forteld, Ik wit ek net sa persys hwet it bitsjut mar hy hat faker as ienris en twaris der op om praet. Nou en dy Hearen scille hjir de omkear yn inoar slaen en den litte hja sokken lyk as heit-en-dy stil yn hjar sop bisûrje. Heit mient det er meidocht, mar dêr is neat fen oan. Hy hat al hjeljoun, ear't er oan 't wirk west hat.”

„Nou fanke, ik kin der net by. Mar wy bilibje in rare tiid, det wit ik wol. Jimme heite patriotterij stie my al tige min oan, mar detstou dy nou ek noch sokke waensinnichheden yn 'e plasse helleste!....”

Sjouk hie ûnder memme lêste worden efkes troch 't finster loerd: seach hja it goed? Wate wannele nei it Bolwirk. Hastich bitocht hja in boadskipke.

Mem seach hjar binijd efternei; hwet dy bern langer in wyn yn 'e swipe hawwe! Mar det oare fen 'e twaderlei soarte fen Patriotten! Scoe det sa wêze? Den wier 't al in moaije broerskip. En den kaem it mei de hiele saek ek noch wolris ta Utkerken. Hwent in hûs det tsjin himsels fordiel is kin net bisteant. Litte de ljue net mear oan de Bibel leauwe, det moatte hja witte, dy bliuwt dêr like wier om.

### III.

It hege Hearehûs fen Skalte Skeltinga, froedsman yn 'e Achtbre Ried fen Dokkum oan it Suderbolwirk stie dêr yn it formids fen 'e lytsere boargerhuizen as in Keninklik Paleis. It hie al in pear jier mei west, mar sterk en dreech as it boud wier, koe it noch wol in pear ieuwen forneare. De âld man wier er den ek wakkere wiis mei. Hjir hie syn foarteam wenne, arbeide en striden, hjir hie hy it dien en strak scoene syn soan en bernsbern detselde paedtsje gean. Wier soks in ientoanige saek? By him net. It libben is moai, yn striid en rêt beide.

Prachtich is it gesicht oer 'e fjilden de Wâlden yn. En den de rêt fen it tsjerkhof dêr tichte by syn wenning. Meast moarns kuijere hy it bolwirk in pear slaggen op en del, fen it tsjerkhof nei de Wâldpoarte en sa werom. En den ljeafst allinne. Hwent in minske allinne kin troch selsynkear en oertinken op 'e rjuchte wize in minske wirde. Ta heil fen himsels en fen oaren. Dêrom hâldde hy him ek oan it alde en moast er yn 'e groun fen syn herte neat fen Patriotterij hawwe. Dy

Ijue mei hjar revolusjonaire idéen wierne neat oars as rëstforbrekkers.

En nou syn soan! Dy hong tsjintwirdich dy kant ek al út. Det scoe fensels meidertiid wol foroarje, as er eerst marris wiste ho't God de iene minske boppe de oare steld hat.

De moarns nei de deis fen 'e flaggehistoarje sieten de âlde en de jonge Skeltinga yn it alderwetske wenfortrek. Op 't hirdsteen barnde in fleurich fjurke, de sinne skynde skean ta de ruten yn, it wier dêr smûk en goed en de skildere pertretten fen Pake en Oerpake seagen frjeonlik op 'e beide Skeltinga's del.

„Jonge, ik moat ris efkes mei dy prate. Bigrypst' it net det de saek de forkearde kant út giet?”

„Hwet ik bigripe?” seit Wate luftich.

Heite gesicht bilûkt. Hy fielt, Wate wol him der hwet losjes ôfmeitsje.

„Och dy nije idéen. Mienst' nou det it for ússoarte fen Ijue past om yen mei it gemien yn to litten?”

„It gemien?” seit Wate forwündere. „Hwa binne it gemien? Alle minskens binne broerren. Hat heit det sels ús net leard? Hwa is den gemien?”

„Dou bigripst my wol. For God binne alle minskens gelyk, mar únder minskens moat underskie wêze. Dou witst wol det de iene op folle heger trep fen üntwikkeling stiet as de oare: men kriget it mei fen yens foarteam ef men kriget in foarname posysje ef men komt ta heger stân troch sakedwaen, it kin ek wêze det dizze trije dingen meiinoar der op wirkje om de iene minske yn rang en steat boppe de oare to setten. Wy binne broerren, wy hoege de mindere man net út 'e hichte wei to bihanneljen, mar wy moatte us der noait ta forleegje om ús troch dy mindere man nei de bidelte luke to litten om wy mar oan dy mindere man gelyk to wêzen”.

De âlde Skeltinga sprekt mei fjûr en oertsjunging, de jonge rekket der wol hwet fen yn 'e war. „Mar hwet wol heit den? En ho wol heit mei de idéen fen ús tiid?”

„Sjuch jonge, wy hearre by de hegeren, wy moatte regearje, omdet wy it kinne. It folk kin it net. Hoecht it ek net to kennen. Mar dêrom meije wy it folk wol yn 'e hichte bringe. Det is ús plicht sels. Mar wy moatte it dwaen op 'e tiid dy't wy gaedlik achtsje. En op 'e wize sa't dy strekke kin for 't nut fen 't Algemien.

„Dos it folk is der allinne om regearre to wirden?”  
„It folk is der net om regearre to wirden, mar it moat regearre wirde. Oersten en machten binne der omderwille fen 'e sûnde, det dy oersten hoege yn hjar minskewêzen hjar net op 'e macht foarsteaan to litten, mar nou 't hjar der binne, moatte hja ek fiele det hja der binne, oars wirde hja de boartlappe fen 'e minskens dyt it rûchtste yn 'e mule binne en it measte opsnije kinne”.

Wate moat him efkes bitinke. Wis, dêr is in bulte fen oan. It hâlden en dragen fen Rinse Jetses hindere him yn 'e groun mear as er for himselfs wêze wol. Mar det fen dy oersten en machten en sûnde, och det wierne âlde idéen, ôfdien hiene hja yn dizze lotterjende tiid, al scoe hy it: gjin God en gjin master, ek net folslein for syn rekken nimme doarre.

„De Bibel, jonge, seit it”, forfgettet de âlde, „en det Wird hat noch nea mis west”.

Lichtsjes lûkt Wate oan 'e skouders: oan 'e Bibel leaut er net mear, alteast net sa lyk as syn heit det dochter, mar hy wol syn heit der net lyk yn tsjinfalle.

De âlde fielde det syn soan gans in ein fen him ôfstie, hy weide dêr net fierder oer út, mar kaem op in oar gebiet:

„Mar hwet haw ik heard: wolle hja it net mear lije det er Jonkers en Baronnen en mear sokke titelatueren wêze scille?”

„Heit, wy wolle werom nei de tiid fen 'e frije Friezen, do wierne der ek gjin titelatueren”.

„Bieldzje dy soks nou net yn. 't Is net wier, mar al wier 't wier, den scoe 't noch in alderdomste set wêze en set de klok fen 'e tiid ieuwen en ieuwen tobek. Elke tiid jout syn eigen learing en it is ús plicht om, leard fen 'e foarteam troch de ieuwen hinne, Staet en Maetskippij ta heger bloei to lieden”.

„Det lêste wolle wy ek”.

„Ja, mar sùnder de Prinsetiid dy't fierwei de wichtichste út us hiele Heitlânske Skiednis is”.

„Wy wolle in brêge slaen twisken âld en nij. Der scille goede Nassau's west ha, mar mei dizze lêsten is 't neat mear, wy hawwe hjar oer en tofolle omdet hja it dêr sels nei makke hawwe. Dizze Oranjetiid moat forgotten wirde. Past net mear yn it kader”.

„Lettere skiednis scil útwizing dwaen hwa't it rjucht hat: dou ef ikke. Mar hwa scille nou regearje?”

„Wel, it folk!”

„Mienst' neat fen. As det wierwier it gefal wirdt, fortart it folk himsels. Tink om de warden fen Jan de Wit, en det wier nou just net in Oranjeman: „it is better fen Hearen regearre to werden as fen feinten, hwent de Hearen scille fenwegens oanberne adeldom altiten noch konsiderasje bitoane op it plak dêr't de feinten mei brutael gewelt de boel delslagge. In man dy't út 'e ûnderste lagen fen it folk opkomt, sjucht yn iderien dy't hwet to bitsjutten hat in konkurrint, dy't bistriden werde moat op fûle wize”.

„Heit, ik scoe sizze: dit koe for heit wolris gefaerlik gebiet wêze. Heit wit dochs wol hwet Shakespeare leart yn syn stikken: alle Keningen sjugge yn de man dyt de Kening holpen hat om ta syn steat to kommen in gefaerlik persoan, bynammen as er fen Eal komôf is”.

Skelte Skeltinga wriwt himsels efkes foar de foarholle lâns. Yn in swak momint seit er: „dou hast gelyk: kollega's binne konkurranten en der is in konkurrinsje op libben en dea. Mar”, en den forheft er him wer: „der is mar ien ding det dizze striid tsjinhâlde kin: it Christendom. Det leart ek de Hegeren to bûgjen by Christus' krûs en as hja op 'e rjuchte wize bûgd hawwe, kinne hja ek op 'e rjuchte wize gebiede”.

„Steane de wierheden út det âlde Boek den wiswier sa fêst?” Wate freget it twivelich.

„Ja ik wit wol hwetstou sizze wolste: de âlde Godtsjinst hat dien krike, dy fen de Rede is der for yn 't plak kommen; mar jonge, wier, dy âlde Godtsjinst is it allinne dy't ús foarâlden krêft jown hat ta de 80-jierrige striid, dy't Fryslân en de Republyk great makke hat en my ek hâldfêst joech yn 't libben, omdat hja Wierheden jowt dy't alle ieuwen en tiden bisteane”.

„Hâldfêst, der is gjin hâldfêst! Hwet hjoed fest liket leit moarn yn fûzen diggels oer 'e stritte” Wate sprekt forheftiger as er him foarnommen hie. En ek as er for himsels forantwirdzje kin.

De âlde merkt it wol en glimket allinne: „de vrijheitsbeam fen ús Patriotten bidoelste? Ja dêr koe 't sa wolris mei gesteld wêze.

„Goed, lit him for hjoed allinne mar it bield fen 'e vrijheit wêze, moarn fine wy wol wer hwet oars”.

„Kin in minske him den thûs fiele by de tins oan

dingen dy't allegearre wer op it hastichste weisinke? Hwer bliwt er den sels? Wirdt er den ek wei yn 'e wylde wieling?

Sokssahwet hie Wate him allegear noch net oer bitocht en hy seit: „och heit, lit ús der mar oer ophâlde”.

„Dou wolst sizze: âld en jong kinne elkoarren dochs net bigripe. Mar ik bigryp dy wûndere skoan: ik haw ek jong west en bin nou âld worden.”

Efkess sjucht Wate op. Hie heit.....?

„Ja jonge, yn '48 wier ik noch in jong baes en do stie it folk ek op. Ik miende det ik ek meidwaen moast, mear vrijheit for elkenien moast er komme, mar letter haw ik dûdlik ynsjoen det de folksreboeljes for in great part tsjinje ta fordjer fen it folk sels”.

„Mar heit, yn '48 hat it folk forskate rjuchten krike!”

„Wis al, mar eft hja dy nou allegeare goed brûkt hawwe is in oare fraech. Mar, ik scoe dy freegje wolle: hwa moatte der nou oan 't Regear: Rinse Jetses en Teuten?” De âldman glimket det fine glimke det oanjowt: soks kin net bisteana.

Wate hellet de skouders op. Efkess stiet him in ljeaflik bield foar eagen en tinkt er oan Sjouk by it neamen fen hjar heite namme, mar op himsels leaut hy itselde as syn heit: Rinse Jetses is gjin man for in froedsman skip. Teuten scil de man werde yn Dokkum, mar sa folle det syn heit min taliket, safolle liket it him goed ta.

Alde Skeltinga makket der in ein oan. „Wy scille der mar net mear oer prate: der komt fen it nije Regear neat tolânné, it binne de mannen net, it miskearret hjarren oan hwet wy bisitte: adeldom en aristokraetsje.”

Selsforheffing! wol Wate sizze mar hy bidimmet him. Den giet er oerein en scil noch efkes de stêd yn.

Hy stiet al midden yn 'e keamer as syn heit seit: „biloof my, tink der rêtstich oer nei hwet ik dy sein haw.

Dou jowst my daliks gjin gelyk, det wit ik wol, mar dy tiid komt, faeks noch earder ast' nou tinkste.” Den giet er foart.

Ek âlde Skeltinga fortrapet him noch in setsje.

De Natuer bigjint him to ûntjaen, it earste risseljen wirdt men gewaer, is dit it earste kommen fen 'e djûrbiloofde vrijheit yn 'e stêd fen Dokkum?

It stiet for him fêst, der is gjin kwesje fen.

Nês 8 jier. Do hie 't ek in rumoerige tiid west. It

wier ien stik frijkorporisten en eksersysjemantsjes. Mar hwet wierne hja der útstritsen as bêste Patriotten, do't de Kening fen Prusen opdage om hjar hwet foar de broek to jaen fenwegens dy skiednis by de Goejanverwelleslûs. Ek de twa Dokkumer fjûroansetters Piter Breugelman en Reinder van Cleffens hiene hakken opnommen. As hazzen wierne hja útnaeid. Yn Frankryk koene hja do mar forslach útbringje oer 'e bidroefde tastân yn it earme Heitelan det it nije ljocht noch net brek wier. Det Heitelân hie hjar noch in banfounis eftornei stjûrd: hja hoegden hjar hjir net wer yn Fryslân to forfoegjen.

Reinder van Cleffens! In bitter glimke komt der Skeltinga op 't oantlit. Dy man hie altiten syn tsjin-stânnner west. Hy wier in jier ef fyftjin jonger as Skeltinga en do't er folwoeksen wier, siet Skeltinga rounom yn it earesit. Det koe Reinder min forneare. Alderhânce kûperijen waerden brukt om Skeltinga op in minne namme to krijen. Hwent Reinder moast nei foaren. Reinder moast de lekkens útdiele. Fen argewaesje det Skeltinga aan it Oranjeregegar fêsthout wier Reinder Patriot worden. Hy tocht, dêr siet mear yn for himsels. Alteast, sa hie Skeltinga det altiten oanfield. Né, men mei fen yens neiste gjin kwea tinke, mar hwennear it der sa tsjûk opleit den kin men min fen sokke gedachtens úntkomme. Hie hy Reinder altiten wol Christlik bihanle? Mooglik net, mar it wier ek in swier stik om mei soksoarte minsken om to gean.

Ja, it libben is swier en it ferget gâns fen yen. Skeltinga hat dêr genôch ûnderfining oer opdien.

Ho moai det dy Patriotterij Reinder sa sûr opbritsen wier. Hy der út, de ynfloed fen Skeltinga safollesto greater

Mar nou komt Reinder grif werom. Hwet scil er de brette hoanne úthingje. Hwent nou giet syn âld fijan Skeltinga der ûnder.

Skeltinga skrikt fen himsels. Fij, sa pas hat hy syn soan noch op 'e rjuchte wize it goede paed oanpriizge en nou jowt hy him yn sokke unchristlike prakke-saesjes.

Mar it is in swier stik det men soks op yens âlde dei bilibje moat, towylst men fêst oannimt det men jimmer it goede bidoelde op 'e post dêr't men op steld waerd.

Kom, tinkt er op 't lêst, mar wer op hûs yn, de hûshâldster scil it iten wol ré hawwe.

#### IV.

Thys Feenstra fen Ljouwert wier krekt it mantsje. Dêrfor hied er den ek oan polletyk dien. Och, det fen dy vrijheit, gelykheit en broerskip, det wist er dûdlicher nôch, wier oars neat as koal. Mar it hie him op 't stoeltsje brocht. Fen ôfkomst in earme Feanwâldster hie hy him yn 'e polletyk yn 'e hichte wrotten. Op in birekkenjende, slûchslimme wize. Salang de Oranjepartij hwet to sizzen hie, wier er net for de Kezerij útkommen, mar hie der hwet fen beide wallen iten. Mar nou't de wyn omslein wier, wier Thys ek in komplete Patriot worden. Dêr siet op dit stuit it measte yn. En hy wier to Ljouwert den ek ridlik gau ien fen 'e foarmannen.

Op himsels wier Thys goochem genôch en jow for de vrijheit ensf. gjin reade duit. Bistiet ommers net. Den scoe elkenien dwaen en litte meije hwet him goedtocht. Den sloech de iene de oare sa mar dea. Det wist er goedernôch oan it oanloklike Frânske foarbield. Dei oan dei wirke dêr de guillotine yn 'e namme fen 'e vrijheit. De kliber wirdt regearre en hat gjin frij. Mar dy't regearje binne dy sels frij? Allikemin. Unnoazele halzen dy't hjar wysmeitsje litte: jimme scille it foartoan to sizzen hawwe. Mar sokke sokken binne der in soad yn dizze tiid. De nije tiid! Och hy wit dûdlik, det dizze tiid yn himsels neat nijer is as alle tiden west ha.

Gelykheit! Rounom hat ommers altiten it greatste underskie west. Stel jy foar! Alle minsken gelyk! Den rinne hja ommers elkoarren allegear yn 'e wei.

Broerskip! Och kom: ien stik fijânskip! De iene kin de oare allike min forneare as yn 't foarige. Elk for oar nimt syn kâns waer om sels yn 'e hichte to klatterjen, al giet it ek ten koste fen syn evenminske.

Né, de nije tiid is oars nearne goed for as om de âlde boppedriuwende partij der ûnder to krijen. Mannen fen adelike stamme, dy't fen âlder op alder it to sizzen hiene krigen nou dien. Hja mienden det hja fêst op hjar stoel sieten, mar nou hiene oaren meienoar de stoelsoaten üngemirken trochseage en mei it minste forrisselfjen tommelen de Hearen om mei stoel en al. It hiele Regear, dêr 't de Prins fen Oranje de krêft en it symboal fen wier, wier yn inoar sakke en in splinternije aristokraetije wier mei oare stoellen oansjouwen kommen en hie sit nommen, heech boppe it folk, dêr't hja út foartkamen, nei 't hja de minsken wysmakken.

Regearje moast dit nije biwâld en stûfer die it det as it âlde, hwet hjarren lei de adel gjin forplichtingen op. Hja hiene for hjarsels gjin oare forplichtingen den op it këssen to bliuwen.

En den moat men prate kinne en de line om it healizze. Nou, det kin Feenstra. Net om 'e noct is hy to Ljouwert oan 'e macht kommen en hy wol hiel Fryslân wol ôfreizgje om dy macht to bistevigjen.

't Is de 12ste Febrewaris 1795. De moarne om âlve ure is 't yn Dokkum ien stik libben en bidriuw. It is ek gjin wûnder, der binne greate dingen op kommende wei. Hja witte sels net rjucht hwette, mar allegearre binne hja yn tige spanning. Dêr komt de wapene boargerij opdaegjen, foaroansteande persoanen yn 'e âlde stêd. Hja witte det de Prins fen Oranje ôfdien hat, dy is nès in deimannich nei Ingelân stitsen, dêrom scille hja nou marris stevich oan 't Patriotsjen.

Hja scille de ljue, dy 't hjar fen stikje ta bytsje fortelle kinne ho't mei de Revolúsje de foarke yn 'e stôk sit, sa aenstouns mei eare úntfange. In greate houten sprekstoel stiet al klear, dêrsanne út wei scille hja de nije idéen bybrocht wirde. 130 wapenen boargers steane dêr yn in heale rounte om hinne, oan wearskanten tsjin 't stedshûs oan.

Der wirdt alris ophelle ta eare fen 'e splinternije vrijheit, fen hwaens segeningen men safolle forwachtet.

De ezelstraep oan it adres fen Oranje wirdt ek net forgotten.

It is in Febrewarisdei dy 't net myld is. Forskaten huverje yn hjar tinne klean, dêr't hja noch skoan in buffelsjas oer hinne tille koene. Mar dy jas wier thûs bleaun; it wier ommers hjoed feest.

In healûre stiet it folk mei great forlangst to wachtsjen.

Einlings dêr arrivearje de Hearen út Ljouwert. It binne Thys Feenstra en zijn kammeraat Pier Zeper, ôffeardigen fen it comité Révolutionair yn 'e Haedstêd fen Fryslân.

It is allegearre enthousiasme. It hoera wjerklintk y'n 'e kloksgatten.

Den komt der in lyts tumultsje. Boarger Teuten, wacker foaroan kommen yn 'e Stêdsrie fen Dokkum hat doel om yn 'e sprekstoel syn rede ta forwolkomming fen 'e profeten fen 'e Gouden Ieu út ta spreken, mar hy kriget in stevige optûter fen keapman Rinse dy't for himsels mient det hy de man is om de gasten for it folk yn to lieden. Teuten lit it fensels net sitte, mar wrot by

de stoel op. Rinse him efternei, mar de massa is op Teuten syn hân. Rinse moat bilies jaen en jowt mei in read gesicht by inkelde fen syn frjeonen utering oan syn argewaesje.

Durk en Feike steane op in distânsje „Moaije broerskip,” lûstert de iene de oare yn. „Yn 'e nije mienskip kankerje de âlde kwalen wol troch.”

Teuten is al in bytsje forbouwerearre as er syn spysts ôfstekt; fenwegens syn akkefysje mei Rinse Jetses is de helte fen syn rede him úntsketten en kinne de taharkers der kop noch stirt oan fine. 't Gehoar is den ek net bjustere oandachtich.

Mar det wirdt oars as Feenstra yn de houten broek forskynt. Yn prachtige sinnen skildert hy de forljochting dy 't út Frankryk wei, de hiele wrâld oerstrilet. Dêr yn it Suderlân wenje nochris mannen dy't oer ieuwen regearje. For de vrijheit hawwe hja alles oer, goed en bloed, en bynammen wolle hja de mindere man út syn slavebannen forlosse. Nou binne hja der op út om hiel Jerope de segeningen en de biskaving fen 'e Revolúsje by to bringen. Hiel de klyk fen Keningen en aristokraten hat him der altiten op útlein om sels de macht yn hadden to hâlden. Hja libben yn wielde en pracht en de lytsere man koe mar yn kjeld en hûnger forkomme.

Mar it folk, it frije folk,” en hy sloech mei de hân op it boarst, „hat him to skoar set, om det úndraechlik twangjok fen 'e skouders to smiten. En dêrom hawwe ek yn Nederlân de warbre Bataven dy tyran fen in Willem V foartjage. En noait, né noait scille hja him noch syn neiteam wer dildzje op hjar erflike groun”.

Dêr gyng in great gejubel op. Ja mar, dy man koe it sizze. Suver, hy griep de minsken de warden út it herte.

„Mar boargers fen Dokkum, jimme binne gjin útbindige en útwrydske minsken, jimme binne minsken dy 't los bitroud binne, det hat jimme hiele skiednis wol útwiisde. jimme binne minsken fen oarder en rjucht,” — hjir seach Teuten efkes skean nei keapman Rinse en syn selskip — „jimme wolle jimsels regearje lyk as det yn allen diele foechsum is; jimme wolle foarút, lyk as jimme det altiten wollen ha, mar hwer't jim faek yn tobekhâlden waerden troch in ûnweardich Regear . . . . .

Wer moast de sprekker efkes ophâlde; de hiele smite dounse it út en mei allerleije utroppen fen ynstimming waerd de redener bijubele.

„Jimme wolle ! En as boargers fen Dokkum hwet wolle, den kinne hja hjar wollen ek útfiere. En nou haw ik jim út namme fen it Comité Révolusjonair noch in fraech to stellen : is it jimme earnstige bigearte en winsk om jimme âlde reginten ôf to setten, en wolle jim nije ljue yn 't Regear bineame dy't yn alle dingen jim' winsk forsteane ?”

Nou brekt it gejubel op 'en mij los, trijeris sa fûleindich as sa pas. Hoera ! Hosé ! It daveret by it stêdshûs op.

Hja sjugge it kommen : de goudene tiid brekt aan de nije maityd rûst oer 'e lânnen, gjin hearen en masters scille der mear wêze ; alles raent gear, en yn ien, alles oertreffende sinspreuk : vrijheit, gelykheit en broerskip komt der in nije wrâld.

Nou geane Feenstra en Zeper nei de Riedskeamer.

Dêr sitte de mannen fen 'e froedskip, bleek en bibberjend. Hjar ryk is út. De Offeardigen fen it Comité Révolusjonair stelle hjar deaienfâldich de wetten.

„Ofgean mannen, dit is for jim it boadskip. Dwaen it mar goedskiks den komt der jim neat fen oer ; wolle jim net om 't lyk, den scil der to Ljouwert wol útwizing oer jim dien wirde. De vrijheit fen it folk is to lang fortrape, det wy dêr in set tiid mei forgrieme wolle.”

„Ofgean !” ropt Skeltinga, „wy for jimme ! Is 't den nou safier kommen ?”

„Ja, safier is it nou ! Wy binne baes.”

„Just, en jimme wolle gjin bazen en masters hawwe !”

„Nou, tominsten sokken net as jimme binne.”

„Krekt,” jowt Skeltinga ta biskie en hy sjucht det syn wird yndruk makket. „de hiele kwesje mei jim frijdom is det der oare hearen, sokken lyk as jimme oan 't bistjûr komme, en det wy nou fortrape wirde moatte”.

„Heit !” ropt Wate, dy't Feenstra efternei kommen is, „heit ! jow om sizzen !”

„Dou ek ! Dochstou ek mei sok folk mei ! O, ik hie it witte kinnen !” lit er dêr suchtsjend op folgje.

Feenstra hie yn bistân stien om Skeltinga der út smite to litten, mar hy biriedt him. It is better fen net.

Hy wit det de oaren wol bylye wolle mei de hounen dêr 't hja mei yn 'e bosk binne en nammensto mear scil sa'n ôffal de âlde aenstouns stekke.

„En nou, hwet is jimme andert ?” freget er de oare mannen fen 'e froedskip.

Den komt boarger Teuten oerein. Hy hâldt in sierlike redefiering, hwer 't er yn útkomme lit ho 't hja to Dokkum

ek bigripe det it âlde foarbygjen is en det alles mij waerd, fen oefolgen woene de ljue fen 'e froedskip, útsein mis-kielen in inkelde, en hy sjucht de kant fen Skeltinga út, — hjar ampten en bitsjinningen dellizze en hjarsels biskiber stelle oan it Heechwearde Ljouwerter Comité, hwerfen hja de eare úntfange for dit stuit twa fortjsint-wirdigers yn 't formidden to hawwen.

Sa giet de froedskip dy't nou al jierren en ieuwen oer de stêd fen Dokkum regearre hat, ôf for de apostels fen 'e nije vrijheit.

„Boarger Teuten,” seit Feenstra, „tank, ús earbiedige tank for jou wize warden. Oan jo drage wy op in provisioneel Regear yn to stellen det de saken geande hâldt. Oan Jo bitrouwe wy ta for it wolwêzen fen dizze stêd to weitsjen de earstkomende twa moanne.

Den hat it Fryske folk himsels in Regearingsfoarm keazen en den scille wy hjar meïnoar de saken op in fêste foet bringe. Dêrom : hilde oan boarger Teuten !”

Sa goed as alle ôfgeande froedsljue dogge oan de hilde mei en sa is it greate pleit bislist : Dokkum hat syn Patriotsk-Révolusjonaire Regearingsfoarm oannommen de 12e Febrewaris 1795, de oerdeis om ien ûre hinne.

## V.

Einlings is Sjouk yn 'e pé. Hielendal yn 't wyt, mei in roas yn 'e nasjonale kleuren op it boarst.

It is fen 't bêste spil. Hwet leit der in moaije sêfte glâns oer it reine wyt. Hja moat ek nedich hwet út-blinke. Giet hja ommers net mei Wate ?

Hwet in útwinder det hja dy Dirk baentsjeopknapper ôfskipe hat. Hy wier ek gjin partuer for hjar, det wirdt hjar by de dei lâns dûdliker. Dy is sa earm as in sweal, mar ek lang net linigernôch. Det er net sa Patriottysk is, kin hjar sasear neat skele, dêr hat se sels it measte doel ek net oer. Hja hat mar ien doel: wille en feest ha en in feint dy't moppen hat. Hwent it is nou ommers allegear gelyk. En hwerom scoe in kreaze faem lyk as hja sels is, lit hjar den earm wêze, net in rike man yn it útsicht ha meije ? Hjar tinkt, det dy gelykheitstinkbielden suver op 'e rjuchte tiid yn 'e wrâld kommen binne, om hja dêr flink prefyt fen to krijen.

Sjesa, nou noch efkes foar 't lytse spegeltsje, in pear krolderkes hwet forstrike, in lintsje forskikke, en den is hja der ré for.

Dêr stekt se hinne. Efkes komt it yn hjar op: Wate hie my ôfheldje moatten, det die Dirk yn 't foarige ommers ek, mar, och ja, it wier noch mär krekt oan mei hjar nije feint, en dy scoe it wol drok hawwe mei syn offysjes, det hja koe it hjar wündre skoan bigripe, det hy noch net op 'e Oranjewâl forskynd wier.

Dêr komt Styn oan. Det is hjar bûrfaem. Ek al yn 't wyt. Mar lang sa foarneam net as hja. Hja seach ho't Styn efkes oan 't lipke loek. Ja to mar, det wier neat as misginstigen.

„Hwet bistou moai!” seit Styn.

„Nou, dêrfor is 't ek feest. Dêr moat men hwet for oer ha. Is det ek net moai?”

„Moai is 't, det men út yens eigen fearren fleane kin”, ornearret Styn mei in fyn glimke.

Sjouk fielt de stek, mar andert net werom. Moat de wille fen 't feest nou om sa'n smeulsk praetsje bidoarn wirde?”

De werden binne den ek gau forgotten en earm yn earm stekke hja op 'e Syl los. Dêr is al in hiele smite minskien. Mar fierders is der oars neat to sjen as greate sketten, mear as in mânsel heech. Dêr sit it geheim efter. Det scil sa aenstouns ûnfhild en ynwidjir wird. Det is mei slaende trom yn hiele Dokkum bikend makke en dêrfor is elkenien nou yn 't foar-Sneins.

Allinne de haedmannen fen de nije biweging hawwe rjucht fen tagong efter it sket. Mar hja komme dêr op sa'n wize det gjin nijsgejirrige Aechjes hwet opmerke kinne. Dêr moat spanning yn bliuwe, oars is 't aenstouns net moai mear.

Boarger Teuten is ien fen 'e mannen efter it sket. Hong hy yn 't foarige in bytsje de oare kant oer, hy is nou mei hinnen omset. Hy hat bigrepene det men yen nei de nije dingen to foegjen hat. Det is foardiel.

Wolbihaeglik kuijeret hy yn 'e lytse healrounte om, yn selskip fen Wate Skeltinga.

De âlde Skeltinga hat him faek in pyk set, ald rôt as er wier. Hy kin him noait better wreke as mei baes oer de soan to spyljen. Det gelykheit en broerskip hjar net sa wakker mei det baeswêzen fordrage, nou, dêr bikroadeit hy him net sa sterk oer. Hwet is in leuze? De died is mear. Hwer tsjinje leuzen en saneamde bigjinsels for? Om der sels side mei to bispinnen, net?

It giet sa goed as it mar hoecht. Syn âlde fijan Skeltinga wier mei al syn aristokraetsje oars neat as de

domheit yn persoan nou't it tiid wier om it roer om to smiten. Det nou fordwynt dy fen 't toaniel en hy, boarger Teuten komt foaren aan. Hwer't sa'n frijheit ek net goed for is!

Sa geane hja de treppen fen 't Stêdshûs op. Hja en noch 11 oaren. Mei hjar trettjinnen binne hja nou de Representanten fen de Dokkumer boargerij. Hja komme dêr gear om oarder op saken to stellen, en wilens de arbeiders tiid to jaen om de forneamde vrijheidsbeam to plantsjen. Det is gâns in kreweike hwent de balstiennen binne min fen 't sté to krijen, En den moat der noch in gat groeven werde yn in izerhirde groun.

Einlings jowe de beamplanters it teiken det hja oan it lêste bidriuw ta binne en det de Heeren nou mar komme kinne. De tromme wirdt alle eare oandien en foarldernei stiet hiele Dokkum by de Syl. Dêr werde de sketten der for wei dien, de Heeren komme by de treppen del, en it lûde Hosé galmet fen alle kanten op.

Dêr stiet de jonge frisse vrijheidsbeam, fleurich en wol, mei slingers troch de tûken en hiel boppe yn op in oanknoopt latsje de hoed, likegoed symboal fen 'e heechforeare vrijheit as de beam sels. In boerdtsje mei de warden: Vrijheid, Gelijkheid en Broederschap der op teikene, wirdt yn 'e beam hongen en hjirmei hat it wirkfolk syn taek folbrocht.

Nou binne de trettjin oan bar. Yn 'e rounte geane hja om 'e beam hinne, meitsje bûgingen en knikke him plechtich ta mei de heechsiden yn 'e hân, det it folk it útjubelet en ien fen hjarren de Carmagnola ynset.

Wilens sjucht Wate kâns om dêr efkes út to knipen. Hy hat Sjouk stean sjeon. Hwet is hja kreas en hwet stiet det wyt hjar moai!

„Kom, dêr wierst' ek all!” seit er fleurich.

„Ja, mar hwerom kaemst' net om my ôf to heljen?” prûlderich kaem it der ut.

„Och fanke, ik moast op it Stêdshûs wêze!”

„It Scil 't wol! Mar hiest' den suver gjin gelegenheit..”

Ja wis wol, tocht Wate, hie ik gelegenheit meitsje kinnen, mar hy wist ek hwet him tsjinhâlden hie. Ef ja, hy hie himsels dêr sasear gjin rekkenskip fen jown, mar it stie nou dûdlik foar him: hy wier syn aristokratyske aerd noch net kwyt by dit demokratyske bern. Hommels komme him heite worden yn 't sin; wis al, gelykheit, mar ek forskaet en det forskaet is gjin theorije, hwent dêr is nou ienmul in werklikheit dêr't nimmen him

oan fûntwoarstelje kin.

„Nou hwerom seist' neat?” In bytsje eangstich seach hja him oan, towylst hja ticht tsjin him oankrong. Ek det sinnige him net. It wier for him den ek in forromming do't er sizze koe: „ik moat bipaeld wer by myn folk wêze. Sjuch Teuten stiet ré, om út 'e namme fen us trettjin it wird to fierend.” Hastich joech er him ôf.

Hwet er sei wier wier. Teuten, safier mooglik foar 't front kommen, mei de hân yn 'e hichte, bigoun mei syn oanspraak. „Boargers fen 'e frije stêd fen Dokkum! De blide ūre is oanbritsen. Jimme kinne rounút utsprekke for God en de hiele wrâld: wy binne frijl! Ja, wy binne allegearre frij! Witte jim wol hwet det to bitsjutten hat? Neat mear ef minder as det de Tyran, dy't ús ûnder de kwint hâlde woe, ôfdien hat en der in nij, folselein rjuchtfaerdich regear en út jimsels keazen, jim foartoan ta Liedsman wêze scil.

Nês in wike ef fjouwer hat de Tyran de wyk spile, hy bigriep sels det syn dagen teld wierne, de Frânsen hawwe him sa wiis wol makke, wy witte nou hwa't ús broeren binne.

Stean dos yn dy vrijheit, mar tink der om det jim dy net misbrûke. Hwent dy vrijheit komt ús fen Hegerhân ta.

Wy binne allegearre gelyk, det wol sizze, as minsken en as boargers. Alle nammen en titels hawwe ôfdien (och, dy Teuten teutelt hwet, sa sjit it Wate Skeltinga troch de holle, hy hat sels sa'n boargerlike namme en dêrom hat er sa it mier oan baronnen en jonkhearen).

Lit den alle skeelen en fordieldheden oan 'e ein wêze. Little wy net mear tinke oan it forline, mar greatmoedich en gol fen herten forjaen oan elk dy't him skildich wit det er him tofolle boppe it folk sette!” (As det gjin polletyk is, tinkt Wate, den mei Teuten gjin Teuten wêze).

Boarger Teuten stekt de hân rjucht út: „Minsken, sjuch hja de hân fen jim evenminsk, fen jim broer”. Den wiist er op 'e vrijheitsbeam. „Sjuch dêr it hearlike allesbiloovjende bield fen de goudene vrijheit. Grien is er as de kommende maitiid, hy pronket mei frissels en blommen, lyk as de Dokkumer jonkheit, hy draecht de hoed, dy't wy allegearre op ha en is sa for ús symboal fen dûrjende Wolfeart, stoflik en geastlik.

Wy formoanje jimme allegearre, haw greate earbied for dit vrijheitsteiken. Skein it net, mei wird noch died.

Ljeavje jimsels, ljeavje jim broerren! Det dit allegearre wêze mei ta wolwêzen fen ús frije faderlân en us goede stêd fen Dokkum”.

Trije kear wjergalmet in lûd hosé. Presys, sa scil 't wêze, der scil 't foartoan neat mear oan miskearde.

Ien man stiet him to forbitten. It is keapman Rinse. Hy hie sa goochem himsels al in earste plak tatocht by de trettjin, mar it wier syn noas foarbygien. Hy hie net ienris in biwys fen in kânske hawn.

Dêr hie Teuten linich in stokje foar stitsen. Hwet scoe sa'n opsprekker it hja to sizzen kriej! Dy wier goed om flaggen to forwâdzjen, in man for ôfbraek, mar net ien for opbou. En Teuten hie wol yn 'e loer det dy strak ek komme moast.

„Mislike keardel, dy hiele Teuten”, seit Rinse tsjin syn bûrman, „kinst skoan fornimme det er dy hiele trias, vrijheit, gelykheit en broerskip allinne brûkt om sels hja yn Dokkum de man to wirden.

„Nou, der binne wol minder as him”, ornearret Jetse en loert ris skean ta de hoeken fen 'e eagen út.

Rinke sakket ôf, it liket wol eft hja allegearre syn plannen trochsjoen hawwe en det hja bliid binne det gjin Rinse it heft yn hanner kriget.

Sa üntgiet him it foarnaemste momint fen dizze dei. Hwent dit komt nou.

De 13 nije representanten lizze de ied fen trou ôf. Der is greate stiltme by dizze plechtichheit. Elkenien fielt ho't hja de nije skiednis in oanfang nimt.

„Hwet is dy beam dochs moai”, seit Feike tsjin Dirk. De beide kammeraten hiene it net litte kind en kom ek op 'e Syl.

„Ja”, anderet Dirk, „lyk as dy beam yn 't Parradys, dêr 't ús earste âlders hjar de dea oan iten ha”.

„Dou koest wolris gelyk ha: Nederlân yt him aenstouws ek noch de dea oan dizze fruchten”.

Grimmitich seit Feike it, en dochs binne for dit stuit sels forskate Oranjemannen ûnder de bitipeling fen it nije, det hja sa gau net forarbeidzje kinne en skif goed en kwea fen inoar. Hwent hja foarmannen hâlde hjaars forskûl, de âlde Reginten binne ôflibbe en de jeugd sjucht in oare kant út as de âlderdom. Hwa scoe net meidwaen?

Jountyd wirdt it. De feale skaden fen 'e beammen op 'e Djipswal lûke oer 'e strijtte. Heech aan 'e loft stiet de moanne. Troch de beammen falt syn silverich ljocht.

Dûnkerder wirdt it. Kearsen werden oanstitsen, flam-bouwen jowe walmjend ljocht. Grillige figueren teikenje hjar ôf op it Stêdshûs.

„Romte, minskens! elk op syn plak! Den scille wy it feest weardich bislute!”

Yn in geswint is de Syl rom en steane de Ijue by bosken op Fleskmark en Dyk, Heechstrijtte en Djipswâl.

For in hopen is dit lykwols net it sahwet ôfrinnend bislút, mar it hichtepunt, dêr't hjar it oare allegearre wol om stellen wirde koe.

Sjouk wier dêr ien fen. Hja hiene hwet op 'e Syl omdangele, hjar in bytsje formakke mei Teuten syn út-stitsene hân, hwet gibeltsjes makke tsjin in pear jonge bazen dy't hjar dwers foar de foetten stiene, mar fierders hiene hja de hiele sprekkerij fetsoenlik forfelend achte. En sels koene hja mar hwet efterút hâlde. En hwa minske wol net ris foaren?

Prachtich, nou scil 't den wêze. Fjouwer en fjirtich fen Dokkums fleurichste fammen hawwe elk in jongkeardel yn 'e wacht sleept en nou mei it den oangean.

Hwet in swierige en kwierige rige. De mânljue alle-gear yn 't kammesoal mei sweallestirten, de frouljue fol-slein yn 't wyt.

De tromme slacht, de fluite bliest en dêr giet it doun-sjend hinne yn 'e rounte om 'e eale vrijheitsbeam.

In lyts koarke sjongt op 'e wize fen: Zie de maan schijnt door de boomen; en de fjouwerenfjítich pearen dounsje op 'e mijtie:

Heil de nije ljochte dag!  
Heil Bataefske Republyk!  
Fier mei oer de fjilden drage  
't Lûd fen sangen en musyk!  
Rounom klinkt de klokkeltoan:  
't Hearlik frederyk brekt oan!

Wei mei Kenings en tirannen,  
Wei de hiele santeklyk!  
Froede feinten, frije mannen  
Binne allegear gelyk!

Gloarje, gloarje, gloria  
Sjonne wy elkoarren ta!

Hwet kin ús Oranje sjokkel!  
Hwet let ús dy Willem Fii!  
Lit him hingje oan de rokken  
Fen syn Dûtsk en hearskjend wiif!  
Lit him nei syn Groatsje gean:  
Det is syn fortsjinne lean.

Lit se gean dy Prinsesotten,  
Dy forwaende, hege kloft!  
Wy binn' wiere Patriotten,  
Frij as fûgels yn 'e loft!  
Rjuchte soannen fen dit lân  
Witte fen gjin rang ef stân.

D'r is gjin heger en gjin leger;  
Bidlersfanke en pastoar  
Dûmneysfrou en skoarstienfeger  
Edelman en stukadoar,  
Stêdsmefrou en vrou fen 't lân  
Dounje en springe hân yn han.

Heil de Frânsken, heil ús broerren,  
Heil ús frjeonen fen Parys!  
Sluchte binne d' âlde mûrren  
D'ierde wirdt in Parredys!  
Wy, for nije tiden klar  
Hawwe Hear noch Master mear!

En wy sjonge ús moaiste sangen  
By de feil'ge vrijheithoed!  
Frijheit glimket op ús wangen,  
Frijheit sipert yn ús bloed,  
Frijheit is ús libbensstream:  
Heil de heil'ge vrijheitsbeam!

Stadichjes oan wier de douns bigoun, mar der kaem hwet langer hwet mear gloede yn en op 't lêst springe hja it út. De kliber déromhinne rekket der tige oerstjûr fen, it dûrret net lang ef alles dounset mei, de forwoedenste Oranjeklant kin syn foetten kwealk op 'e groun hâlde. Sels keapman Rinse forgeat syn grimmigens. En Sjouk mei Wate, det is ek in flinke pleaster op 'e woune!

Wate foaroan yn 't Stêdsbisjûr scil strak dy Teuten wofen 't hynder smite. Kaem Rinse der net, Teuten kaem ek tobek. Hwent dit hie er wol útfikeleare: it mocht hwet lykje mei dy broerskip fen 'e trettjin represintanten, de iene forginde it dêr de oare mar knap det er nei foaren kaem. En Wate syn aedlik bloed scoe him wol jilde litte by de nije gelykheit, wis al.

Wate mei Sjouk!

Der is noch ien dy't it sjucht. It is Dirk. Lang hied er der al formoedens fen hawn, nou is 't den wissicheit.

Dit is in swier stik for him. Hy wier wend om heech by Wate op to sjen, en nou helle er soks út. Och, it wier ommers oars net as om in setsje en in pretjes to dwaen. Strak liet er Sjouk wer strike, grif; mar den wier Sjouk s yn Sjouk ommers net mear!

„Hast' it sjoen?" seit Feike.

„Ik haw der mear as genôch fen. Kom mei, ik moat hjir wei."

Hja rinne in slach om 't Bolwirk. Dêr is 't stil. De beammen steane ûnbiweechlik. Skean boppe de Streek hinget de moanne.

Dêr brekt Dirk út. Yn hirde warden oer 'e nije tiid mei syn Patriotterij, dy't him syn Prins en syn faem úntnommen hat. Dy't stiet to wriggelen oan it gelove, sa lyk as Heit en Mem him det ynprinte hiene. Feike lit him stil útprate.

Op 't lêst komme der mear minsken op it Bolwirk. It feest is ôfroun, de jonge pearen hawwe it nou op 'e neipret forsjoen. Dêr binne Wate en Sjouk ek. Hja geane hjar roerend foarby. Dirk sjucht ho't Sjouk forachtlik glimket.

Nou hat er ek gjin plak mear op 't Bolwirk. By de Eastersingel nimme de frjeonen ôfskie.

Deun tsjin elkoar aan kuijerje Wate en Sjouk de plantsoenen lâns. Hearlik sa'n nacht nei sa'n forheftige dei. Hwet hawwe hja elkoar in bulte to fortellen.

„n Kreas pear", sizze de kammeraetskes, dy't hjar foarbystrike. Inkelden mei spyt en ôfginst, dy't noch net troch de broerskip weifage is.

Wate praet oer 'e idé fen it Rjucht, lyk as dy yn rjuchtfeardige Staetsynstellingen him iepenbierje scil.

Hja knikt en hja seit fen ja, wylst syn riddenaesjes hjar fier oer 'e fûst binne. Hy is hjar helt en om hjar part kin alle Rjucht wol opwaeije. Det seit hja net, mar hy fielt wol det hja it tinkt. Sokke dingen hippe nau.

Hja binne ien fen 'e lêste pearen dy't it Bolwirk forlitte. Wate wol it momint fen skieden sa lang mooglik ústelle. Ek om 't er noch net by keapman Rinse oer 'e flier wol.

Op 't lêst binne hja op 'e Oranjewâl.

„Wolle Jo der net efkes mei yn?"

„Det kin joun net; ik moat noch inkeld pompieren neisjen."

Hjar prûl hinget.

Den makket hy it wer goed, mar hy nimt dochs by de doar ôfskie.

„Hwer is Wate?" freget heit botwei.

„Hie 't net oan tiid."

„Soa, wier er to greatsk om by ús oer 'e flier? En hy kin him wol mei dy ôfjaen!" Heit hat in danich min sin.

Mem tinct itselde. Mar dy kin Wate bigripe. Sa'nenien giet for in kear mei in earmeljuesfanke, mar den is it ek dien. Lykwols, hja lit neat út, hja kin ek neat keare. It scil wol komme, sa't it komme moat. Hja seit allinne inkeldel delbêdzjende warden, det op 't lêst geane hja allegearre noch yn frede op bêd.

## VII.

It heuchlike nijs fen 'e geweltige omkear yn 'e saun Provinsjes roun as diggelfjûr de wrâld troch. Bynammen yn Frankryk waerd it mei great gejubel úntfongen. Det wier koarn op 'e mounle fen 'e útbande Patriotten, dy't nou noch yn it lân fen 'e frijheit tahaldden. Hommels pakten hja hjar boeltsjes by inoar en sakken wer op Hollân ôf. Jonge noch ta, ek de Republyk forlost fen de tyran, den wier it nou nochris hjar plicht en bring yn it âlde Heitelan alle forljochte idéen dy't hja yn 't Ryk fen 'e Frânsen oppien hiene.

Sa komt ek boarger Reinder van Cleffens wer op Dokkum los. En it earste hûs dêr't er him forfoeget is det fen Skeltinga, syn âlde tsjinstanner, mar dy 't er dochs as rjuchtskepen minske earet. Ja, yn 'e groun fen 'e saek hat er Skeltinga altiten biwûnderje moatten om syn fêsthâldenthheit oan in saek, dy 't ier ef let biswike moast.

It is de deis fen 'e 14e Febrewaris.

Wate fortelt sa yn 't foarbygean oan Teuten hwa 't wer oan lân kommen is. „Det treft moai" seit Teuten daliks, „moarn is 't wer feest, den scille wy ús broer van

Cleffens op treflike wize hildigje en him forgoedzje hwet er lit hat for de saek fen 'e vrijheit."

En sa komt it. In earewacht hellet van Cleffens út it hûs fen Skeltinga òf en bringt him nei de Syl op it histoaryske plak.

Dêr stiet de smite al klear. De 13 representanten sitte yn it earestoelte.

Nou binne hja by de Frijheitsbeam. Dêr barst it kanon los en de eareskoaten daverje. 22 Earejiffers yn 't wyt dounsjie de Carmagnole. Dizze 22 binne de útkarden út 'e 44 fen nês trije dagen. It binne nou allegearre gûnt út 'e hegere stânnen; mei lijen hat Wate biwirke det Sjouk ek meidwaen mocht. Mar dy fielt hjar nou ûnwennich. Dit binne gjin fammen dêr 't hja mei prate kin. Nuver.

Hja binne útdounse en nou nimt Teuten it wird.

„Boarger van Cleffens, ús hert floet oer fen tankbrems. Jo, as Dokkumer, binne wer yn it Dokkumer formidden. Mar dit formidden is oars as do 't jo ús forlitte moasten.

Wy libje nou ûnder it symboal fen 'e vrijheit.

Hjir stiet de beam dy 't dêr tsjûgenis fen docht.

Wy earje jo as de persoan dy 't for dy dierbre vrijheit lit hawwe en ballingskip fordroegen. It is nou ús aller saek, ús mienskiplike saek.

Jou dieden hawwe ta ús spritsen mei ynlike klam. Wy witte det de saek fen 'e vrijheit foartgong hawwe scil. Hwent it bloed fen 'e Martelders foerret de idéen dy't lang yn 'e pleit west ha, mar nou follein oerwounen ha en noch fierder oerwinne scille. Hosé, lang libje boarger Reinder van Cleffens yn ús frije Dokkum".

Lûd jubelt de skare de sprekker ta en den barst it kenûn wer trije kear los.

Nou komt van Cleffens sels nei foaren. „Noch suver deselde", seit in âld wyfke tsjin hjar bûrman.

„Ja", seit dy, „syn bigjinsels hawwe him by syn jeugd biwarre". Mar hy moat gau fen fierdere ûtliz ophâlde, hwent van Cleffens stiet al yn 'e sprekstoel.

„Boargers fen Dokkum! Hwet is 't my in nocht det ik wer yn jim formidden bin. Bynammen om 't jimme it hirre sa ridderlik opnommen hawwe for de vrijheit. En hwet dy vrijheit wurdich is, it is my by de dei lâns dûdlicher worden by us broerren yn it Suden. Ik haw dêr yn konneksje west mei de earsteklas forljochte mannen út hiele Jerope. Ik mei vrij sizze det hat by my

syn frucht wol oplevere. De bigjinsels dy 't my dierberder binne as myn libben dêr 't ik om foartjage bin, by hûs en hirdsté wei", hy sei dit gâns théatrael en fiks lûd „scille foartoan ek libje yn aller Dokkumer herten en it scil my bysûndre wille wêze, det ik dêr ek oan meiwirkje kin. Hwent ik bin hjir net wer kommen yn 'e earste pleats om my sels, mar yn 'e earste pleats om jimme. Jimme moatte jim bigjinsels ek tapasse en útdrage yn it libben en om dêrta to kommen binne jim underwys nedich en ik hoopje, it mei my jown wirde, jim dêr yn foar to gean. Ta heil fen 't faderlân en ta gloarje fen ús âlde Dokkum".

Los wier 't wer. Gedaver aan alle kanten. Det wier noch ris in man.

En dochs seach Teuten efkes gril. Soa, wier van Cleffens hjir wer kommen om hjir it earste en it lêste to sizzen to krijen? Dêr scil hy wol bihoedsum in skoatteltsje foar strike moatte. Fenwege de broerskip? lake it yn him. Den lûkt er meilydsum oan 'e skouders om 'e ljue dy 't soks nou miene.

Né, it bitearde dy joune net om it bolwirk. It wier it selde fen de oerdeis. Alles wier goed en moai, mar dy ôfstân. Fensels in bern lyk as Sjouk koe hjar det sa net bigripe. Der wier hwet, det fieldie hja, mar hwette? Dêr hie hja gjin weet fen.

Wate wol. It wier it heechheitsbisef en it minderwear dichwêzen det hjir mei mekoar yn botsing keam.

Wier Sjouk den net in bêst famke? Wis wol, for Dirk sels bysûndre bêst, mar net for in ealmanssoan lyk as Wate. Hy wier yn 'e foarmen, dêr't hja net oan wenne koe, hja wier nou to oansjitsk, den to ôfstjtend, hiderkearen grillich, det hjar wille wier ridlik gau bidoarn.

Wier 't mei in sucht fen forlichting det er by hjar weiging? Mar ho moast det yn forfolch fen tiid noch komme?

Wier it nou sa'n stik better worden yn 'e stêd ten Dokkum? Gjin tinken oan. Wirk wier der net, hannel en tortier laei stil. Hiele Jerope wier yn forwarring. De æne bitroude de oare net. It âlde hie ôfdien, it wier to slap om himsels to hanthavenjen en it nije brocht net folle oars as tommeljen en oer 'e wjuk swaeijen fen minsken dy't ta de macht kommen wierne sùnder de macht to hawwen om dy op 'e rjuchte wize to bihears-

kjen. Hwent macht kin allinne mar troch eale mannen ta segen wêze.

Né, it bitearde net.

Dér kaem noch by det op 'e lange winter in skrousk foarjier folge. Sadwaende kaem der in krapte yn 'e hûshâlding lyk as men der onder de Oranjes gjin weet fen hawn hie. Gjin wirk, gjin brea en alles skromelike djür.

Yn 't lân gyng it der al sa aan wei. Us nije bounsmaten, de Frânsken, wisten tige fen rûpeljen. For hjar goede tsjinsten en hjar frjeonskip moasten wy hjar mar efkes hûndert miljoen goune bitelje, en dêrby kriegen wy hjar fiif en tweintich tûzen úthungere en healneakene Frânske soldaten op it dak om hjar hjar op to weidzjen en yn 'e klean to stekken. Det soks nou allegear streksum wier ta heil fen 'e nije Bataefske Republiek, det woe der by de measten mar min yn. Allinne dy't oan 't laedsje sieten wierne wakkere bras mei de nije femyljeraesjes.

De vrijheit, gelykheit en broerskip bikoelle gâns, bynammen by de legerein dy't himsels mei dizze leuze gouden bergen biloofd hie en nou bikaeid útkaem.

It kaem safier det it Oranjefolk him ek wer oppernearje doarste. Flak by de vrijheitsbeam waerd der alris roppen:

Vrijheid, gelijkheid en geen brood

Komende jaar Bataafsche hongersnood,"  
en de ljue fen it Regear hiene hjar mar hâlden eft hja dêr neat fen hearden. Den kamen der ek gjin opstjitsjes fen.

Ien fen 'e drystmoedichste Oranjemannen forkoft de beam alris in opkiper det er der gâns skean fen kaem to hingjen. Do hong it stêdsbistjûr by it vrijheitsboerdtsje noch in oarenien mei it opskrift:

Wee! die zijn schendende hand

Aan dezen boom durft slaan!

mar it bitroude him dochs net eft dit wol genôch helpe scoe.

It sket dêr't se de beam efter opritsen hiene, kaem wer om 'e beam hinne, en in polysjeman krike oarder om by de beam to skilderjen. Hy moast de saek fordigende as de need oan de beam kaem en fierders forslach útbringje oer 'e ljue dy't kwea bidoelings mei him hienen. Det lêste hiene hja noch it ljeafst. Den wisten se hwet der yn 'e herten fen 'e minsken omgyng. —

Al mear kriget boarger Teuten de leije yn 'e hannen.

Sahwet alle trettjin fen de Representanten kin er meitsje en brekke. It binne ljue sunder trochsicht yn algemiene forhâldings.

Allinne mei Wate Skeltinga sit him det net glêd. Wûnder ho't dy jongkeardel op syn iepenst is om de saek fen it folk to tsjinjen, net yn botsing to kommen mei de foarige bistjûrders, boarger Teuten de pas ôf to snijen by útstellen dy't al to radikael binne en dochs op syn tiid sjen to litten det ek hy tige foarútstrijbend is.

Hy moat to faek bilies jaen, mar oars moet Teuten for himsels bikenne det men der eare mei ynlijze kin om sa'nien ta partij to hawwen.

Yn 'e Maertmoanne is 't syn jierdei. Nou't hy de heechste is moet him ek de heechste eare oandien wirde. De flagge komt op 'e toer. De tromme slacht: sa aenstouns scil it mesyk in searenade bringe oan 'e earste boarger fen Dokkum. En it folk is werris in kear op 'en bien. In setsje en in pretjes, och, bynammen it jongfolk is der op bigien. Is 't nou in minne tiid, wel, meikoarten komt de simmer!

Grimmitich stiet keapman Rinse der nei to sjen. 't Is allegear Teuten hwet de klok slacht en for him is gjin plakje oerbleaun. Det wier nou it lean der for det hy de saek hjar oan 'e gong brocht hie!

Hy hie it der ek mei syn wiif oer hawn. Mar it minske wier tige foarsichtich. Hy hie wol field det it hjar net moeide det hjar man der by troch rekke wier. Mar den hiene hja it dochs safollesto better krike, hie er trochskimerje litten; dy't fen 't great ieslok yt, yt fen 't unbisoarge byt, mar hja hie sein, det men sok iten ek wîrich wêze moast.

Do wier er opstoud, mar hy hie him dochs ek wer bikoarre: Teuten en Skeltinga en syn wiif lieten allegearre itselde merke, scoe 't ek nochris sa wêze kinne?

En do't er wer yn 'e hûs kaem, hie hja sa earnstich sein: „Wy moatte by ús spil bliuwe. Yn 't foarige gyng alles like fleurich, sa moatst' it wer ynpikke. Bimoei dy net mei saken dy't úsljue boppe de pet geane. Gean it fjild yn to hanneljen, keapje hwet de boeren oer ha, dêr sit gewoanliken in skoan fortjsinst yn en lit dy vrijheit, gelykheit en broerskip mar yn hjar sop bisûrje. Dou kinst it nou sjen hwet der fen tolânné komt. Teuten regearret folle stûfer as Skeltinga ea fen to foaren en der is hjer oars net folle gelykheit as yn 't hûnger lijjen.”

Hy hie hjar wolris yn 'e rede falle wollen, mar hy

hie 't litten om 't syn binnenst him sei det hja gelyk hie.

„En det fen ús Sjouk mei Wate, wolst' wol leauwe  
det det ek op in bidragen ein útrint? Komt er hjar wol  
oer 'e flier det makket? Lestendeis siet Sjouk to skriemen  
op hjar keammerke: ik ha 't wol mirken. Scil ik dy  
sizze: fen alles komt neat!”

Ek det noch! Ja hy hie 't al lang bigrepen: dizze  
frijerij wier ien fen kâlde foetten.

Sont dy tiid hie er syn treast socht yn syn âlde offyses,  
en woe er earlik wêze, dy hiene him goed tsjinne.

Mar dêrom koe er it net litte om by gelegentheit syn  
âlde frjeonen ris wer op to siikjen en doch oan polletyk.  
Lykwols by Teuten syn jierdeifeest wier der for him  
hielendal gjin rook noch smaek mear oan.

Jountiid wirdt it. Den is Dokkum op syn moaist. Al-  
teast hwennear der illuminearre wirdt. It is den ek in sé  
fen Ijocht. Rounom baerne de fetkearsen. Binne se út,  
wol, nou, men plakt in nijen yn 'e stander. It moat goed  
en it scil goed: der is mar ien Teuten, en hy fierst ek mar  
ienkar yn 't jier jierdei.

Hwet flikkerje dy kearskes yen fleurich tomiette. En  
hja pûste ek net út, hwent it is blokstil. Allinne de bi-  
weging fen 'e minsken bringt hwet roerje.

Bynammen de foarname Heechstrjitte is ryk foarsjoen.  
Mar poets de Djipswal ek net út! En drok det it is! It  
bikende fjouwerkante blokje Heechstrjitte, Djipswâl,  
Lytse Bréstrjitte en Koermakkerstrjitte is groatfol  
minskens dy't forsiere mei de nasjonale kleuren dêr op en  
del kuijerje.

Mar foaral drok is it op 'e Syl. It sket is om 'e frij-  
heitsbeam weihelle en hy stiet dêr nou yn folle gloarje.

Den set it mesyk yn en alles troppet op 'e Syl gear.  
De iene lofspraak efter de oare wirdt op it nije Regear  
ôfstitsen en boarger Teuten kriget dûbeld syn part.

Fammen dounsje de Carmagnole, de sang sa frisk  
as in nút ut Frankryk wei arrivearre en alles hat likefolle  
wille.

Allegearre? Né, Sjouk net: hwer sit Wate nou wer?

Och, hy hat it wer drok mei bistjûrssaken, hy petear-  
ret mei de represitanten, mar it petearjen mei syn faem  
dêr komt in bitter bytsje fen. As det nou de vrijheit is!  
Den woe hja wol vrij ha en lit him de hakken sjen,  
for altyd om hjar. Mem hie gelyk hawn, wis, en heit  
wier fier de planke mis.

Einlings kaem Wate los. Do't er hjar seach wier er

der oandien fen. Hwet wier hja kreas en krûdich. Hjar  
eagen, o! Die er der goed oan om hjar legere stân oan to  
sjen as in minderweardigen? Hja wier oars as hy, det  
hearde dochs ek sa? En scoe hja den net hjar safolleste  
mear oan him hechtsje as it ienkear sa fier ris wier?

Bliid wier hja, do't er kaem, ynlik glimke hja en nou  
like alles wer sa'n stik oars as niiskrektsa.

Hark, Jan bierdrager is oan 't wîrd. Hy kin it tige,  
hwent hy hat sa pas noch in pear slokjes nei binnen  
slein. It binne sterke warden der't hy syn forflokking  
oer Oranje yn útsprekt.

„Hwet seit dy keardel it”, biwunderet Sjouk.

„Ja op bierdragerswize”, anderet Wate. En den is 't  
wer mis. Det is it ûnderskie.

Jan is noch net op 'e ien. Hy hat it nou oer de  
Oranjekraeijers dy't der noch fierstentofolle yn Fryslân  
skûl hawwe. Opsocht moasten hja wirde, gisele en it  
lân útband. Der binne al forskate Oranjelietsjesongers  
en goudtsjebloemdraggers tsjin de lampe oanflein, mar der  
sitte noch folle mear en hy sjucht skean de kant út der't  
Dirk en Feike steane, dy't hja moares leare moatte.

„Is my det nou in kearel?” mompelt Wate.

„Hwerom net?” seit Sjouk, dy't hjar bitipelje litten  
hat troch greate warden.

Hast' gjin forstân fen, scil Wate sizze, mar hy  
bikoarret him. Sjouk fielt syn gedachtens wol en sjucht  
mismoedich by hjar del. It is ek altyd lijen. Hwet hat  
se nou wer misdien! Hja scil net foar Oranje wêze, wol  
Wate ha, en nou't se der tsjin is, is 't likemin goed.  
As det nou polletyk is, den is polletyk in raer soarte  
gûd.

## VIII.

Mar Jan is noch oan 't wîrd. Hy hat in halsjûk mei-  
nommen en ta bislût fen syn redefiering slacht er syn  
jûk op 'e balstiennen midstwa det de spounnen der nei  
stouwe. „Sjuch”, seit er, „krekt en allyk sa is it gien mei  
it jûk det Oranje ús oplein hat, it is oan grus en it kin  
noait wer hiel makke wirde.”

Dirk stiet der nou op 'e noas by en hy seit frijpos-  
tich: „man, man! hwet dogge jo it mâl! nou moatte jo  
foartoan de amers yn 'e hannen drage, hwennear't jou  
wiif jo nei de Boanifasiusdobbe tastjûrt om wetter.”

Forskaten laitsje. Dirk hat ek op 'e rjuchte wize ôf-  
furre. Hwent it is bikend det Jan mei al syn praetsjes

oars net folle is as in foetwisk fen syn wiif. En hja hawwe Jan syn Patriotsjen ek op in pypfol, like goed as hjar eigen. Binne hja net meienoar mei de Patriotterij yn 'e pypsek bilânn? Fiere se net feest om 'eskes to forjitten det it in bikaeide boel warden is?

Nei dit trammelantsje is de stemming der út en de Hearen slute de saek, it sket komt wer om de beam en de minsken sjokselje op hûs yn. Sels it slachje om it Bolwirk wirdt troch de measte jongebazen forgotten. Allinne Feike en Dirk hawwe noch in lyts loopke aan 'e kant fen 'e Hirdridersgreft. Dêr kinne hja hjar nochris úptrate.

„Feike,” seit Dirk fêstbiret, „dy beam moat om, hwet gauwer hwet better. It wirdt sa'n soarte fen Baälstsjinst lyk as yn 'e dagen fen Gideon syn jeugd. Hwa fen uzen scil it dwaen?”

„Doch dou it mar.”

„Goed, hy hat my ek folle mear ûntnommen as dy. Mar dou moatst der my ta helpe.”

„Dêr scil 't net oan miskearde.”

Dirk steekt nei hûs, hellet in bile en by syn burman, dy't in útdragerij hat, hwet ôftanke greateljues klean.

Mei dit spil wapene komt er werom. Den traepje de frjeonen wer nei de Syl. Dy is nou útstoarn, it sket stiet wer om 'e beam, de skildwacht, al in bytsje slûch fen 'e akkefysjes fen 'e dei wannelet oerlangsum op en del.

„Nou scil ik my aenstouns noch hwet forstrûpe moatte”, seit Dirk.

„Hjir op 'e strijtte?” glimket Feike.

„Ik wit wol better plak”.

„Hwer det?”

„Wel, yn it hûs 'e apteker.”

Ja det hie Feike wol bigripe kinnen. Dy man hjir by de Syl is ommers in Oranjeklant lyk as men it mar winskje kin.

Feike, dy't allinne oerbliuwt, bisiket nou de skildwacht yn 't fesier to krijen. Sjuch dêr sutelt er hinne, sjok-sjok! Hy hat glêd syn nocht der ôf, det is by nacht wol to sjen. Scoed er him aenstouns ek deljaen scille tsjin 't sket oan dêr't de bank stiet?

Hè, komt Dirk nou noch net werom? It bigjint Feike ek al to forfelen. It is suver in spiltsje om der by yn 'e slied to fallen. Alles is út en kâld, ien walmerich kearske

tsjin 't Stedshûs oan hat it noch folhalden. Scoe men sokke tiden net oan spoekerij leauwe?

Dêr sjucht er hwet oankommen. It liket in nuvere forskining. Sa pas hied er noch oer spoeken prakkesearre, mar dit koe wier wol ien wêze. En it spoek komt op him los. It slierket as roerde it gjin groun.

It is dochs in minske. Hy hat in grote trijekantige steek op, in lange slipjas oan en fen foaren in wite bef. Krekt in dûmny. Mar moatte sokke ljue jouns noch oan 't strunen? Dêr komt er lyk op him ta.

„Hwer is er nou?” freget de dûmny.

Det lûd is bikend: it is Dirk ommers. „Hast' oan it studearjen west?” freget Feike.

„Ja en ik haw myn preek al yn 'e holle. Mar nou gjin praetsjes. Hwer is dy fint?”

„Oan 'e oare kant. Grif sit er op 'e bank to slûgjen. Ik seach det er him dêr deljoech”.

„Prachtich. Gean bok stean.”

Samar stiet de dûmny op Feike skouders. Feike jowt him nou op en Dirk kin wündere skoan de boppekant fen it sket rikke. Bihoedsum lit er de bile der by del glide, en foardêrop stiet er mei ien sprong binnen 't sket.

Feike teantet nei de oare kant, de skildwacht is noch goed ûnder 't seil: det is ynoarder.

Hark, dêr is Dirk al oan 't wirk. Hy docht it bihoedsum, mar dochs klinkt it hol twisken de sketten.

Feike sjucht ho't de skildwacht de earen opsteekt. Hy scil nei de sketsdoar, dêr't er de kaei fen út 'e bûse hellet. Nou bounzet Feike mei gewelt tsjin it sket oan. det it daveret. De skildwacht dêr op los. Mar Feike hat syn komste net ôfwachte. Hy set de sokken der yn, nei it Nau ta, den de Keningstrijtte lâns, noch in steichje troch, by in goefrjeon de doar opramaeid en den is er al binnent ear't de skildwacht it Nau lâns pandere is.

Hy dikeret wakker om him hinne, mar kin neat geawaer wirde. Den mar wer nei syn post. Dêr is ûnderwilens it ûnheil al foarfallen. Der stiket gjin tukje fen 'e beam mear boppe it sket út.

Nuver, dêr kuijeret krekt in man by 't sket wei de Djipswâl lans. It liket wol op Dûmny. Scoed er dy ek oansprekke? Né, det jowt gjin foech. Soksoarte fen ljue rint men net efteroan en sprekt men ek net oan. Dy hawwe it rijcht fen it earste wîrd. Dêr wirdt Dûmny wei yn 'e lytse Bréstrijtte.

Den scil hy mar wer nei syn post ta. Hy moat dochs

ris sjen hwet der nou krekt foarfallen is. Binnen it sket liket it raer. Dêr leit de vrijheitsbeam oerside teard. Hy is glêd by de groun om't ôf kappe. Det is nou feitlik syn skild om't er net better oppast hat. Dit scil raer foar de Hearen komme.

De oare moarns stie it der den ek mar danige min foar. Hy krije in flink ramplemint. Wier det nou in oppasser? Hy hoeerde op gjin deihier to rekkenjen, mar mocht der steat op meitsje det er hjir for in setsje ûnder de blauwe laeijen rekke. En den syn postje kwyt.

It gerost gie fensels troch hiele Dokkum. Forskaten kamen om de ramp op to nimmen. It laei der raer hinne. Sels de boerdtsjes fen de vrijheit en de Schêndende hand hienen it bilje moatten. Der wier oars net as hwet brânhout fen oerbleaun.

De iene efter de oare forkoft der syn opmerkings oer.  
„It libben is der út.”

„Men scoe sizze fen sa'n beam.”

„As de vrijheit it ek sa gau bistjert,” en mear fen soks waerd dêr roundield.

Pûr wier Teuten. Dit moast útfikeleare wirde. Ek al om Ljouwert. As hja hjar slap oanstelden scoe it Comité Révolúsjonair hjar wol efter 'e faksen komme.

Mar hwa scoe it dien ha? Mei bleate formoedens koe men net folle wirde.

Lykwols Jan bierdrager hie hwet yn 'e mot. Al scoe Dirk it net dien ha, hy woe him dochs graech in loer draeije. Sa by syn noas lâns sei er tsjin Feike: „ik wit neat fensels, mar ik haw dy Dirk baentsjeopknapper yn 'e rekken. Dy is der neat to goed for.” Like it do net krekt eft Feike hwet forblakte? Moai, hy scoe 't wol oan 'e Hearen fortelle. Hy wist wol det er by de Hearen net botte heech oanskreaun stie, ek al mei om 't er oan keapman Rinse syn kant stien hie, mar for dizze kear scoene de Hearen alles wol to baet nimme wolle.

Hy der hinne. „Bêst det jo it sizze,” anderen hja, mar fierder lieten hja hjar net út. Lykwols do't er de hakken licht hie, ornearren hja: „moai, dy scille wy joun wolris yn 'e Waech helje.”

It is al tsjuster. Dirk sit by syn moeike yn 'e hirdshoeke to súzeboljen. Der wier yn 'e lêste dei twa safolle foarfallen det er nou nedich bikomme moat.

Hark, in büns op 'e doar. Hwa scoe dêr noch sa let wêze? Mar der komt gjin forfolch op. Moeike der hinne mei it tútlampke yn 'e hân. Neat to sjen. Ja dochs, yn 'e

hoeke by de syddoor leit in kreas yninoar teard stik pompier. Hja kriget it op en skoattelet meiens de doar. It is nou al sa let.

Hja der mei nei binnen. „Sjuch jonge, hwer't hja ús nou mei foreare hawwe.” Hja kin net lêze, mar Dirk is dy kinst machtich.

Hy teart it iepen, nijsgjirrich. Hastich lêst hy. It is mar in wurdmannich. „Dirk, fluchtsje! Daliks! Aenstouns helje hja dy. Dou hast dy beam omslein, tinke hja. Dêrom wolle hja dy sette. S.”

Dirk stiet der earst wakker biteutere. Is it den útkommen? En kin de straffe sa swier wirde?

Mar lange tinkerstiid hat er net. Op 'en nij wirdt der op 'e doar bounze. Mânjueslûden roppe trochinoar. Hja easkje tagong. „O jongel!” en moeike stroffelet wer nei de foardoar. Dirk heart nou hiel dûdlik: „wy wolle der yn. Dirk moat opslach meikomme.”

Nou wirdt it Dirk to binaud. Hy bigrypt it briefke fen sa krekt. Hastich rint er nei de efterdoar. Dy komt út yn in nauwe steige. Lokkich hjir is nimmen to sjen. Mar hwer scil er keare? It is al neare nacht.

Wacht, nei de Greft. Ien fen syn goekunde, Ids iel-fisker hat dêr syn boatsje to lizzen. Yn in geswint hat er de rimen yn 'e hân en set ôf. Hu, it is in skrael wyntsje. En hy is mar tin klaeid. Mar dêr kin er nou net oer tinke. Mei inkeldre krêftige slaggen is er dwers oer fearn en leit er it boatsje fêst. Hy is oan 'e Wâldkant. En nou tippelje. Hwer scil er hinne? Mar nei Driesum. Dêr hat er goekunde. Dy scille him wol opbergje. Hja wenje dêr hwet iensem.

Underweis prakkeseart er wakker oer det briefke. Hwa scoe det skreaun ha? Der stie in S. ûnder.

Der wolle op dit stuit him mar twa essen yn 't sin falle. Skeltinga en Sjouk. Hy hat sa pas net sa krekt nei de hân fen skriuwer sjoen. Dêr hied er ek noch gjin tiid for hawn.

It ljeafst woe 't him wol oan det âlde Skeltinga dit dien hie. Sjouk scoe him wol net warskôgje, ho wol, nou't er him goed der op bisinde it it meast op Sjouk hjar skrift like.

Nuver.

Einlings is er to plak. Ja wis, hy mei hjir wol in setsje bliuwe om to sjen ho't de kat út 'e beam komt.

It wier dêr yn Driesum goed wenjen. De Wâldtsjers, altiten oanfallige minsken, hiene him mei blydskip ûnderdak jown. Soa, wier hy om de saek fen Oranje út Dokkum fluchte, wel, den moast er him mar forskûl hâlde oant salang der wer better tiden oanbrieken. Hwent dy kamen der wis; sa't it nou langer gyng, koe it dochs gjin touwen hâlde. Dy nijichheden founen grif meikoarten, in sêfste dea en den kaem alles wer lyk as it altiten west hie en elk koe syn swé gean. Sa tocht de Wâldboer der oer.

En Dirk koe ek gjin better plak bigeare, de boer wenne in ein bûten it doarp op 'e ein fen 'e loane, minsken krike men net folle op 'e hird, det it wier hjir fredich en feilich.

Dêr kaem by, hjar feint wier foart rekke, hja koene skoan sa'n jongkeardel as Dirk yn hjar bidriuw brûke, om hjar mocht Dirk him hjir wol nei wenjen sette. Dirk wist wol fen oanpakken en sa gyngen der inkelde wiken fredich foarby.

Lykwols, yn Dokkum sitte de Ijue net stil. It liket dochs nuver hwer't Dirk sa hommels keard wêze kin. Omke en moeike hiene al in reistwaris foar 't forhoar west, mar dêr binne hja net folle wizer sen wirden. As hja him marris fine koene! Den scil it him smoarch ôfgean. Hy hat op 't lêst net allinne de Dokkumer froedskip misledige, mar ek de hiele grounstelling fen it tsjintwirdich Steatsbistjür. In giseling, seis jier under 'e laeien en den noch in bannissemint is al it minste det hjir op stiet.

Fensels wierne hja ek al op it boatsje fallen, det sa deftich oan 'e Wâldkant fêstmakke wier, mar hwer scoene hja siikje? De Wâlden is sa great en de Waldtsjers binne allegearre Oranjeklanten. Sa roun it spoordea.

Sa forrinne der fiif wike.

Jan bierdrager hat in putsje to Driesum. Hy moast nei de kastelein en sit dêr yn 'e harbarge tige op syn plak. Hy hat al in gekheitsje makke tsjin de kastelein syn dochter dy't lykwols op dit hearskip net sa bjuster gesteld is, en docht in steil wird oer 'e sterke stikken, dy't hy sa foar en nei útheefd hat.

Mar dêr, ynienen is er stil as in mûs. Der wannelet immen de bûrren lâns. Grif, dy persoan ken er. Hy rint nou wol yn boerebokse en kile, mar de hâlding en maanearen, wel, it binne Dirk sines.

De kastelein merkt opslach, det syn bisiter it iene ef 't oare yn 't fisier krike hat, det him hielendal yn bislach nimt. Hy dikeret de bûrren út en sjucht om 'e hoeke de nije feint fen Sander Tabes weiworden. Hy is der ek wol mei op 'e hichte ho't dy hjir yn 'e Wâlden oanlanne is. Wacht, nou moat er mei dy Dokkumer praetsjemakker op syn iepenst wêze.

„Hwa gyng hjir sa pas lâns freget Jan de kastelein.

„Haw ik ien sjoen?” seit dy mei in glimke.

„Jo kinne tominsten ien sjoen ha.”

De kastelein sjucht ris troch de ruten. „Der is op dit stuit neat op 'e bûrren. Twa bern binne oan 't knikkertsjedossem, oars gjin minske. O ja, âlde Evert hinget oer 't stekje en syn wiif jowt de hinnen iten”.

„Hwet binne jo in nuvere praetsjemakker”, seit Jan, dy't wol merkt, det de kastelein der foar wei wynt.

„Hwet woene jo den fen my ha?” freget de kastelein, mei in bytsje spot. „Kin ik oars sizze as ik sjuch?”

„Ja mar, hawwe jo niis kreksa net in jongkeardel hjir lâns gean sjoen?”

„Né,” seit de kastelein sùnder Ijeagenjen en sjucht Jan lyk oan. „ik haw hjir net ien lâns gean sjoen. Mar hwet woene jo eigentlik mei dy persoan? Is det femylje fen jo ef goekunde?”

„Né!” seit Jan grimmitch, drinkt syn slokje op en giet foart. Hy wol Dirk efternei. Mar der is gjin Dirk to finen. Allegearre wâldpaedtsjes en leantsjes, mar hokker fen dy scil er ynslaen? It is tûnbigonnen wirk en hy scil wol ûnforrijcheter sake wer nei Dokkum moatte.

Mar just op itselde stuit det er de moed opjowt, dêr sjucht er Dirk út in Wâldhûske kommen. Dêr draeit er in hoeke om. En den de loane del, persys, dêr op 'e ein wennet Sander Tabes, al sa'n Oranjeman. Jan bigrypt nou alles.

Prachtich, dit moat him lokke. De fiif en tweintich goudgounen dy't op Dirk syn holle set binne, kin hy nou moai fortsjinje. Krekt sa'n fortûntsje yn dizze krappe tiid.

En to Dokkum bringt er forslach út.

In pear dagen neitiid is der in espeltsje soldaten út Dokkum wei op reis nei Sander Tabes ta. It is om in goede fangst to redden. It Stêdsbistjür fen Dokkum hat der daliks wirk fen makke. Hja hawwe in pear man nei de Geast stjûrd eft hja frij ha mochten om by dy en dy hússiking to dwaen. It biwâld fen Dantumadiel biet dêr

net sa hird yn, mar om't it bigriep, oars krigene hja it  
mei Ljouwert oan 'e stôk, hawwe hja tawird jown.

En nou scil 't den wêze.

Sander stiet krekt yn 'e efterdoar as er it soldatefolk  
syn loane opkommen sjucht.

„Goeden dei, wy wierne fen doel om by jo hússiking  
to dwaen,” seit de haedman fen 'e trop. „Det kin wol,  
net?” foeget hy der hoflik oan ta.

Sander knikt. „Gjin biswier. Wol ik de hearen foar-  
gean?” seit er mei in fyn glimke.

„Nou det hoecht net”, is 't andert.

Dochs kroasket Sander mei. Hy moat witte hwet der  
yn syn hûs foarfalt.

It docht de haedman nij ho kreas en eptich alles der  
útsjucht. Mar dêrfor is er ek by in Mennist oanlânne.

Hy sjucht yn 'e beide keamers, speaket nei de souder,  
loert yn 'e fjurhutte, lit him alle kasten en bedsteden  
iepenmeitsje, tikket tsjin 't lawant, eft hjir ef dêr in ge-  
heim skûlplakje wêze mei, mar it is allegearre om 'e  
nocht. It is hjir suver spil, der is gjin Dirk to bikennen.  
Hy sjucht om hûs en hear, ek neat.

„En hwet woene de hearen nou eigentlik mei dit hú-  
bisyk?” seit Sander op 't lêst as er sjucht, det de haed-  
man eigentlik net wit ho't er mei dit gefal oan moat.

„Wel, dy feint, dy't by jimmes tahâldt, dy moasten  
wy ha.”

„Dêr hâldt nimmen by ús ta.”

„Né, det sjuch ik ek, mar dy Dirk, dy't hjir hielendal  
yn 't koart noch by jo tsjinne!”

„O dy! Ja, dy hat hjir in setsje útfenhûze, mar hy is  
nou wer ôfstitsen.”

„Is dy foart? Nou noch moajer! Hwerom seine jo det  
niis daliks net?”

„Omdet jo dêr net nei fregen,” seit de Wâldman  
smout. „En as ik it sein hie, scoene jo my den wol leaud  
ha?”

De haedman stiet biteutere. 't Is ek sa, hy hat gjin  
opdracht krike om de Wâldman út to freegjen, mar wol  
om hjir hússiking to dwaen en Dirk mei to nimmen.

„Mar hwer is er nou?” freget er op 't lêst.

„Kin ik jo net sizze,” seit Sander mei in stiif gesicht.  
Det is wier, de haedman sjucht it.

De haedman stiet yn bistân. Hwet stiet him nou to  
dwaen? Der sit oars net op as gean ûnforrjuchter sake

wer nei Dokkum ta. Dêr scil it aenstouns wol waeije.  
Mar hy hat syn bést dien.

Wilens sit Dirk feilich en wol yn Bûtenpost. De eigen-  
ste joune fen 'e dei do't Jan him op 't spoar kommen  
wier, hie de kastlein him warskôge. En hy hie daliks syn  
boeltsje by inoar pakt en wier yn 'e nacht noch ôfsjoud.  
Hy bigriep det it to gefaerlik wier, sa ticht by Dokkum  
to bliuwen. Hwent der siet for him hwet op, as hja him  
to pakken kriegen, det hie er wol yn 'e gaten. Yn oare  
plakken wier ek soks alris foarfallen mei de frijheits-  
beammen, mar wé him dy't it útheefd hie. Den wierne de  
broerskipsljue net mâlle mak.

By syn ôfskie hie er sein: „bêste minsken, ik tankje jim  
tige for it únderdak det ik hjir fine mochte, ik hoopje det  
it jimme mar goed gean mei, en ik siz nou mar net hwer't  
ik hinnegean, den kinne jimme letter mei in wird fen  
wierheit sizze det jim dêr neat fen witte.”

„Sa snoad as in minske,” hie de Wâldman sein, hja  
hiene elkoarren de segen tawinske, en dêr wier Dirk  
hinnekroaske midden yn 'e neare nacht. 't Is nuver, tocht  
Sander, det Gods wegen sa wêze kinne. Mar dêr moast  
men yn birêste.

Lykwols yn Bûtenpost doogde it ek net. De man dêr't er  
hjur oanlânne, wier him as in Prinseman oantsjinne, mar  
it die al ridlik gau blikken, it wier ien dy't fen beide wal-  
len iet.

Den mar wer fierder. It is nou dochs ienmul in tiid  
det it Heitelân syn trouste soanen útstjt. En nei in dei-  
mannich swalkjen is er oer 'e Dûtske grins. Dêr hat  
Frankryk en syn hantlanger, it Patriottisme, noch neat yn  
to bringen.

## X.

It is oardel jier letter. Der komt wer in nije maityd yn  
't lân.

Dirk hat him stil op it earste sté dêr't er oanlânne  
deljown. It wier by in soarte heareboer, dêr't er ûngefeat  
deselde baentsjes op to knappen hie as by Skeltinga. It  
is baes Friedrich bysûnder nei 't sin. Dirk kin mei de  
hynders omgean det it in lust is en det is krekt nei Fried-  
rich Schultz syn bigearde.

Fen 'e wrâld trekt Dirk him it measte net oan. Der  
giet wol gâns yn him om, mar in oar komt dêr neat fen to  
ritten. Jouns as it wirk birêdden is sit er gauris in heal-  
ûrke to suzjen en oan Dokkum to tinken. Ho scoe it dêr

nou wêze? En hwa scoe ris yn syn plak by âlde Skeltinga kommen wêze? En Sjouk, ho scoe it dêr mei sitte? Scoe hja al trouw wêze mei Wate ef scoe it út wêze, lyk as hy yn it lêstoan hast bigoun to tinken? Hwet scoe er det allegearre graechris witte wolle, ek ho't it der mei it heitelân foarstiet, mar men wirdt hjir neat gewaer.

Baes Schultz bimoeit him net mei de polletyk, goed for Ijue, dy't op it kêssen wolle, seit dy, mar hy hat Dirk alris forteld det de Ijue dêr yn Nederlân net sokke lekkere fruchten fen de vrijheitsbeam ploitsten. Hy leaude al, det se hjar bikommen hiene, mar krekt koe hy it net sizze.

En dêr hie er ek neat gjin oanstriid ta, net det hy syn Fryske feint gjin tagong yn eigen lân ginde, mar hy woe him graech hâlde, hy hie yette nea sa'n egale tsjinder hawn as dizze balling. It wier mei de measten fen dy jonge bazen ien stik wyld sang, efter de fammen omjachtsje en bier drinke, mar dizze Dirk taelde nou suver nearne nei.

Der wier ek wolris in Dûtske „mädchen”, dy't him ris narjend oansjen koe en by hjar sels frege eft er nou suver gjin memoarje yn dy feint siet, mar it wier allegearre op Dirk ôfskamp.

As er jouns efterhûs op 'e bank sit hellet er faken hiel soarchfâldich in forknûkere stikje pompier út 'e buse en dikeret dêr den op om. It is det geheimsinnige briefke det er krike op syn lêste Dokkumer joun. Hwa scoe det nou eigenlik skreaun hawwe? Oan de ûnegale letter to sjen den liket it sprekend Sjoukje hjar hân. Hy hie netolle briefkes fen hjar sjoen, det hoegde net, hja wennen flak by inoar en hwa bimoeide him folle mei de skriuwerij? It wier al moai, det hja dy kinst sa'n lyts bytsje forstiene.

Hwet wier it dochs goed det er dy warskôging net yn 'e wyn slein hie. Syn omkapjen fen 'e vrijheitsbeam hie him sûr opbrekke kinnen, det hie er do't er letter hearde ho't it mei mear fen soksoarte „misdiedigers” ôfroun wier, skoan bigrep. Né hy komt daliks net wer oer 'e Nederlânske grins, det stiet wol by him fêst, hja mochten him ris ynrekkenje.

Dêr, op in jountyd as er thús komt en yn it kokentje sitten gean scil, fynt er in âlde kinde: keapman Rinse. Hy wirdt der kjel fen. Dos, binne hja him op it spoar en hawwe se it noch op him forsjoen?

Scil er der útmijtte?

Rinse sjucht ho't er bilûkt en is op itselde stuut by him. Waerm jowt er him de hân en ropt: „Prachtich jonge einliks ha 'k dy foun”.

Dy toan! Né, sa docht in opsnoarder it net.

„En ho is 't noch mei dy? Goed soun sjuch ik wol”.

Ja, bêst! Jo ek noch?” seit Dirk dy't wer in bytsje ta himsels komt.

Rinse makket der nou in grap fen. „Hwet tochtst' niis eigentlik jonge? Det ik hjir kommen wier om dy op to heljen en yn de Waech to setten op wetter en brea, mei de forwachting fen in giseltsje! Sa sit it net. Né, it is hiel oars. Dou bist wer frij om to Dokkum to kommen sa goed as elkenien. De boel is dêr aerdich yn 'e rounte draeid”.

Dirk kin der net by. Ef is dit hiele praetsje allinne mar in liepe set om him yn hannen to krijen? Hy seit den ek bihoedsum: „mar ho moat ik dit allegearre forstean, binne jo den gjin Patriot mear?”

„Ikke in Patriot? Wel né man, yn hiele Dokkum binne gjin Patriotten mear, tominsten net fen it soarte fen nêts twa jier. De greateste roppers binne nou al it measte bitommele.

Der wierne jo ien fen, tinkt Dirk.

„Ja jongkeardel,” forfolget Rinse, „ik wit wol hwetstou tinkste: den scille jo ek wol aerdich omswaeid wêze. Dêr kom ik roun for út: det bin ik ek. Wy hawwe nou sjoen hwet wy ús op 'e hals helle hawwe”.

En noch twivelet Dirk: „ik bigryp der neat mear fen.”

„Né jonge det is ek net sa maklik to bigripen. Mar wy hawwe in knap stik underfining opdien en den geane in minske de eagen wolris iepen. Och jonge, wy hawwe sa hwet leard. Hwet ús lân net bitelje moast oan dy Frânske vrijheitsbringers, it stiek net nau. Hûndert miljoen goune! Scoe men der net dûzelich fen wirde? Mar wy binne de sinten kwyt en in oar spilet der moai waer mei. En den det skurve soadtsje Frânske soldaten op 'e kost! Krekt binne hja in keppeltsje fen dy skarminkels hwet opweide ef hja meije wer nei Parys ta en wy krije der oaren for yn 't plak dy't noch sjofelder binne as it earste ploech. Ingelân hat ús koloanjes nommen, in float hawwe wy net mear en ús hannel hat neat mear to bitsjutten”. Sa dist Rinse mar op. Dirk heart der nuver fen op, mar it koe allegear bêst wier wêze. Soksoarte fen fruchten hie hy al lang oan de vrijheitsbeam groeijen sjoen, mar det se sa gau ryp wêze scoene — det hie er

net forwachte. Hy hie der ek noch net earder praet oer heard, mar och, men wennet hjir ek sa ôfgelegen.

As keapman Rinse him sa iepen en trou oansjucht, krekt as yn 't foarige, do't alles noch effen en flak wier, den bigrypt er det it werklikheit is: hja wierne to Dokkum wer ta hjar forstân kommen. „God mei priizgje wêze,” seit er út 'e groun fen syn hert.

„Siz det wol”, seit Rinse, „Him komt de eare dêrfor ta”.

Nochris sjucht Dirk fornuvere op. Dos ek Rinse praet oer it Godsbijsjûr, in saek dêr't er yn it foarige wakkere-smeulsk oer prate koe.

Mar wer sjucht er it yn Rinse syn kleare eagen: de man mient hwet er seit. Den is it efkes stil. „Dos, der is ek for my wer plak yn Dokkum?” seit Dirk op 't lêst.

„Wis en grif, hwet oars! Dêr bin ik de reis for oan-gien, om dy hwer to heljen.”

„Mar Teuten den? Hat dy it heft noch yn hannen?”

„Teuten! Dy is likegoed yn 't bikommen as wy alle-gearre”.

„Kin immen den sa hird foroarje?”

„Hird? Det is üngelyk hwetstou hird neamste. Yn twa jier tiids kin der in bulte foroarje en den hoecht it noch net ienris yn wylde flecht to gean. Dokkum is syn fleur kwyt, Dokkum mist syn vrijheit, Dokkum wirdt út Ljou-wert wei regearre — sa waerd it allegearre oanfield, en do is stadichoan de swinking kommen. De Ijue fen Ljou-wert hawwe ek al net folle mear to fortellen, dy wirde út 'e Haech wei negere, en nou giet it sa: hwet wy yn Dokkum biroerje kinne, dêr litte wy gjin oarmanne eagen oer gean”. Nou praet er wer eft er sels yn 't Regear sit, tinkt Dirk, en det is him do dochs moai by de noas lângsien.

„Scil ik dy sizze?” forfolget Rinse, ús mannen binne eigentlik allegearre wer Prinsgezinden worden: Teuten en Skeltinga ek, en ik moat sizze, hja dogge alles om Dokkum wer op 'e kluten to krijen. Mar jonge, kom mei en sjuch sels hòt de saek der yn Dokkum hinneleit.”

Dêr hat Dirk wol sin oan, mar hy tinkt oan syn boer. „Ik kin hjir sa mar net weirinne”, seit er.

„Det kin wol. Ik haw sa pas al mei dyn boer praet, hy hat wakker fen dy spritsen, en ik ek fensels”, hy knypeaget, „en do haw ik frij for dy krige. Dêr sit it him ek yn det hja my nei dit kokentsje skikt ha en ik hjir sa rêtstich mei dy prate kin.”

As hja it safier ré hawwe geane hja nei de wenkea-mer en fortelle dêr fen de foarnimmens.

En de oare moarns yntiids giet it twatal al op stap.

Hwet hawwe hja elkoar underweis noch in bulte to fortellen. Dirk fen it goede libben det er hjir yn 'e frjemde hawn hat, mar det er ek, bynammen yn syn frije tiid gâns ûnwennich wier, en Rinse ho't er Dirk op it spoar kommen wier. Hy hie fenwegens syn hannel to Grins west en dêr mei in Dûtsker praet dy't kinde oan Dirk hie. Pratende en wer pratende hied er bigrepes: det is Dirk en dy komt fen Dokkum, krekt sa't de man it him útlei en do hied er mei ien fen syn frjeonen tyngé nei Dokkum stjûrd en sels wier er nei de frjemde reizge.

„Libje hja allegearre noch?” freget Dirk.

„Net allegearre. Dyn omke is nêss in heal jier for-stoarn”, fortelt Rinse.

Dirk wirdt der efkes moeilik ûnder. —

Det waerd in wersjen.

Hwet wier moeike út 'e skroeven do 't Dirk wer by hjar oanlânne. „Dêr wird ik wol tsjien jier jonger fen!” rôp se, do't se him seach.

Hja wier oars gâns aldskeer worden yn dizze twa jier. Dirk seach it daliks wol, hja is lang sa reafallich net mear en hjar hier is in stik grizer worden.

„Jonge, hwet bin ik bliid det ik dy wer sjuch. Dou bist do sa hommels ôfreizge, en nou komst' my sa mar yn ienen oer 't mot, it moet mei dy mar rimpen sa't it liket.”

„Nou moeike, ik wol my hjir nou wol deljaen”.

Dy joune komme alle âlde frjeonen opdaegjen. It wirdt in hiele gearsit. Syn frjeon Feike is fensels ien fen 'e earsten. Mar dy is nou net mear allinne, hy hat in fleurich wylke op 'e side. It is Styn, it bûrfamke fen Sjouk. Dy wit hjar poatsje der ek wol by to skouwen en docht in heech wird det hja wol wit, hwerom 't Dirk hjir wer op it toaniel komd is. „Der binne fen dy trekpleasters”, seit se, „hwet sizze jo oars en't Rinse”, tsjin de man, dy't sa krekt binnenkomt.

„Ik siz nou noch neat, mar aenstouns safollesto mear om mûlripe frouljue ta bidarjen to krijen”, seit de keapman. Foartdérnei hat er al it heechste wird oer syn bi-kwamens om fluchtingen op to spoaren. Alle bûrljue harkje mei de mûle iepen.

Der wirdt in brief brocht. It is fen Wate Skeltinga: hy is bliid det Dirk bihâlden en wol wer yn Dokkum sit

en hy scil graech yn forfolch fen tiid fen syn tsjinsten  
gebrûk meitsje.

„Dyn plakje is wer for dy iepen”, seit Rinse, dy’t  
it oan himsels forplichte achtet om hjir tekst en útliz to  
dwaen. Hy hie dy middeis daliks by de Skeltinga’s oan-  
kloppe en alles for Dirk rékrige.

Hwet letter komt âlde Skeltinga sels om Dirk lok to  
winskjen en fen himsels to fornimmen eft er it him ta-  
tochte baentsje oannimt: sa en sa folle fortsjinst, mar  
fensels altiten ré wêze for de tsjinist. „Mei beide hadden  
tagelyk”, seit Dirk, „hwennear moat ik komme.”

„Ik hie tocht fen yn nije wike, dou moatst hjir earst ris  
rounsjen eft alle huzen noch op itselde sté steane”.

En den forskynt der noch in heech man út Dokkum:  
Teuten.

Né, hja hoege der net fen to skrikken, Teuten hat ek  
al aerdich leard. Dy’t hearskje wol, moat tsjinje kinne.  
Dy wierheit wier him by de dei lâns dûdlicher worden,  
det hy is nou al safier hinne det er ljeaver tsjinnet as  
hearsket. „Tinke jim mooglik det syn omkapjen fen ‘e  
frijheidsbeam him súr opbrekke scil? Dér hoege jim net  
oer yn ‘e noed to sitten,” seit er. „It wier in domme  
streek fen dy, mar dou wierst dochs noch wizer as wy.  
Dêrom is it dy forjown en scille wy mar nearne mear  
oer prate”.

En sei Teuten syn werden is it lêste koareltsje wan-  
trouwen by Dirk weifage.

Nochris wirdt de doar opdien en om it hoekje loert  
Sjouk. „Eft heit hjir ek is?”

„Jawis, jim heit is hjir en komt hjir ek daliks net wer  
wei. Kom mar harren”.

Nou den kin it net oars ef hja moat Dirk ek wol  
fylsetearje mei syn bihâlden thûskomste. Efkes sjugge  
hja elkoarren djip yn de eagen.

„En hjir is noch wol plak for dy”, seit Styn, „kom  
Feike, skik hwet op, for in fleurich jongfaem moat der  
in goed plakje komme”.

Hja forskeuvelje hwet en Dirk en Sjouk komme skean  
foarinoar oer to sitten det hja krekt mei de foetten elkoar  
oanstompe kinne.

It folk is daliks net útpraet. It is den ek al let as elk  
syn eigen koai wer opsiket.

Dochs binne der twa dy’t noch gjin forlet fen it bêd  
hawwe.

Twa jonge minsken dogge noch in slach om it bol-

wirk. It binne Dirk en Sjouk. Hommels, yn ien slach is  
alles wer goed warden. Hja hawwe elkoarren in bulte to  
fortellen. Sjouk seit it net planút, mar Dirk bigrypt wol  
det it mei Wate en hjar deselde joune útrekke is as do’t hy  
Dokkum forlitte moast. En sùnt hie hja op Dirk wachte.  
Hja hie altyd wol tocht det hy to joun ef to moarn wol-  
ris wer opdaegje scoe. En den scoe it ek wer goed komme  
mei hjar beide.

„Jawis, det briefke wier fen hjar. By tafel hie hja  
fornommen det se him efter de blauwe laeijen stopje  
woene en det er den net sunich omseame wirde scoe.  
Det hie hjar oangriisd.

Do sloech er syn earm om hjar hinne.....

